

JDG - - Fryske Bibeloersetting

JDG - (Frisian, Fryske Bibeloersetting)

Fryske Bibeloersetting, Rjochters; 2022-01-11

220111 Import in Paratext van FBO_07Rjochters-c1-21_F3 door JvD

Deze tekstversie is bestemd voor intern gebruik binnen het project FBO

Door staveringshifker 2024-01-17 (LdR)

240206: F4: Opmerkingen Baukje Westra verwerkt.

240902: Opmerkingen Hindrik Sijens ontvangen.

240917 en 240921: F6: Opmerkingen Hindrik Sijens verwerkt door redacteur (in overleg met de vertaler).

M.i.v. 241102: na het ontvangen van Rolf Bremmers opmerkingen (over h. 1-5 op 241030), na ook de verwerking van RB's opmerkingen over h. 6-7 (250214) en h. 8-12 (250707) en de rest t/m h. 21 (250723) - t/m 050825.

RJOCHTERS

1

Israel syn striid tsjin de oerbleaune Kanaäniten

¹ Nei Jozua syn dea fregen de Israeliten oan 'e HEAR: 'Wa fan ús moat earst op 'e Kanaäniten los yn de striid?' ² De HEAR sei: 'Dat moat Juda dwaan. Ik haw it lân oan him útlevere.' ³ Juda sei tsjin syn broer Simeön: 'Gean mei my nei it gebiet dat ik lotte haw om tsjin de Kanaäniten te fjochtsjen. Dan doch ik dat mei dy nei it gebiet datsto lotte hast.' Dat Simeön gie mei him mei.

⁴ Juda gie foarút en de HEAR joech de Kanaäniten en de Perizziten yn har macht. Hja fersloegen tsientûzen man fan har by Bêzek. ⁵ Dêr troffen se Adonibêzek en fochten tsjin him. Sa fersloegen se de Kanaäniten en de Perizziten. ⁶ Adonibêzek naaide út, mar se sieten him nei. Doe't se him te pakken krige hiene, sloegen se him de tommen en de grutte teannen ôf. ⁷ Doe sei Adonibêzek: 'Santich keningen mei de tommen en grutte teannen derôf slein sochten de krommen op ûnder myn tafel. Krekt sa't ik oaren dien ha, wevet God no mei my ôf.' Hja brochten him doe nei Jeruzalem ta en dêr is er stoarn.

⁸ Doe fochten de Judeeërs tsjin Jeruzalem en namen it yn. Hja fersloegen de stêd mei it swurd en stutsen dy yn 'e brân. ⁹ Dêrnei giene de Judeeërs de striid oan mei de Kanaäniten dy't yn it berchlân, yn de Negev en yn de flakte wennen. ¹⁰ Juda teach ek nei de Kanaäniten yn Hebron, dat earder Kirjat-Arba hiet, en hja fersloegen Sjesjai, Achiman en Talmai. ¹¹ Dêrwei giene se nei de ynwenners fan Debir, dat earder fan Kirjat-Sefer hiet. ¹² Doe sei Kaleb: 'Wa't de ynwenners fan Kirjat-Sefer ferslacht en de stêd ynnimt, dy sil ik myn dochter Aksa as frou jaan.' ¹³ Otniël, de soan fan Kenaz, Kaleb syn jongere broer, naam it yn en Kaleb joech him syn dochter Aksa as frou. ¹⁴ Mei't hja kommen wie, trune

se Otniël oan om har heit om in stik lân te freegjen. Doe stapte se fan de ezel ôf en Kaleb sei tsjin har: 'Wat is deroan?' ¹⁵ Hja sei: 'Jou my dochs wat goeds. Heit hat my it toarre lân yn it suden jûn, mar skink my dan ek wetterwellen'. Doe joech er har wellen yn it heechlân en it leechlân.

¹⁶ De Keniten, soannen fan Mozes syn skoanheit, giene mei de Judeeërs út de Palmstêd nei de woestyn fan Juda, dy't yn it suden by Arad leit. Dêr setten se har nei wenjen ûnder de befolking. ¹⁷ Juda gie mei syn broer Simeön en hja fersloegen de Kanaäniten, dy't yn Sefat wennen. Hja ferwoasten dy stêd en neamden har Chorma, dat wol sizze: 'ferwoasting'. ¹⁸ Doe naam Juda Gaza yn mei it gebiet dat dêrby hearde, Asjkalon mei syn gebiet en Ekron mei syn gebiet.

¹⁹ De HEAR holp Juda, dat hy naam it berchlân yn besit. Mar it slagge him net om de bewenners yn de delling te ferdriuwen, want dy hiene mei izer besleine striidweinen.

²⁰ Hja joegen Hebron oan Kaleb, sa't Mozes tasein hie, en dy ferdreau de trije soannen fan Enak dêrwei. ²¹ De Benjaminiten ferdreaune de Jebûsiten lykwols net út Jeruzalem, dat dy Jebûsiten wenje oant hjoed-de-dei mei de Benjaminiten yn Jeruzalem.

²² Joazef syn neikomlingen teagen ek op, nei Bet-El, en de HEAR holp harren. ²³ Hja lieten Bet-El, de stêd dy't foarhinne Lûz hiet, bespionearje. ²⁴ De spionnen seagen in man ta de stêd útkommen en seine tsjin him: 'Wiis ús in plak oan dêr't wy yn de stêd komme kinne, dan sille wy it goed mei jo meitsje.' ²⁵ Dat die er en hja fersloegen de stêd mei it swurd, mar dy man en syn hiele famylje lieten se gean. ²⁶ Dêrnei gie dy man nei it lân fan de Hetiten en boude dêr in stêd, dy't er Lûz neamde. Sa hjit dy oant hjoed-de-dei ta.

²⁷ Mar Manasse ferdreau it folk net út Bet-Sjeän en omlizzende doarpen. Dat diene se ek net mei de bewenners fan Taänach, Jiblaïm, Dor en Megiddo mei de omlizzende doarpen. Dat it like de Kanaäniten in goed idee om yn dat gebiet wenjen te bliuwen.

²⁸ Doe't de Israeliten sterker waarden, leine se de Kanaäniten hearetsjinsten op, mar hielendal ferdreaune se harren net. ²⁹ Efraïm hat de Kanaäniten dy't yn Gêzer wennen net ferdreaun, dat de Kanaäniten wennen yn Gêzer yn har fermidden.

³⁰ Sebûlon hat de bewenners fan Kitron net ferdreaun en dy fan Nahalol ek net, dat de Kanaäniten wennen yn harren fermidden, en waarden twongen ta hearetsjinsten. ³¹ Azer hat de bewenners fan Akko net ferdreaun, likemin as dy fan Sidon, Achlab, Akzib, Chelba, Afyk en Rechob. ³² Dat de Azeriten wennen midden tusken de Kanaäniten, de bewenners fan it lân, omdat se dy net ferdreaun hiene. ³³ Naftaly ferdreau de bewenners fan Bet-Sjêmesj net en dy fan Set-Anat, dat se wennen midden tusken de Kanaäniten yn, de bewenners fan it lân, yn, mar de bewenners fan Bet-Sjêmesj en Bet-Anat leine se hearetsjinsten op. ³⁴ De Amoriten dreaune de Daniten it berchlân yn; yn de delling woene se har net talitte. ³⁵ Mar de Amoriten woene graach yn Bet-Chêres, Ajjalon en Sjaälbim wenjen bliuwe. Doe't de ôfstammelingen fan Joazef lykwols sterker waarden, twongen se de Amoriten ta hearetsjinsten. ³⁶ De grins fan de Amoriten rûn fan de Skorpioenepas oant Sêla en fierder.

De ingel fan de HEAR yn Bokim

¹ Doe gie de ingel fan de HEAR út Gilgal wei nei Bokim en sei: 'Ik haw jimme út Egypte fuortgean litten en ik haw jimme yn it lân brocht dat ik jimme foarâlden tasein hie. Ik sei: "Ik sil myn ferbûn mei jimme nea ferbrekke." ² Mar jimme meie gjin ferbûn slute mei de befolking fan dit lân en harren alters moatte jimme slope." Jimme hawwe lykwols net nei my harke. Wêrom hawwe jimme dat net dien? ³ Dêrom sis ik no: "Ik sil har net foar jimme ferjeie, mar hja sille jimme in leage lizze en har goaden sille jimme falstrikken sette.'" ⁴ Doe't de ingel fan de HEAR dat allegearre tsjin de Israeliten sein hie, begûn it folk lûdop te gûlen. ⁵ Dat se neamden dat plak Bokim, dat wol sizze: 'de gûlers', en brochten dêr offers oan de HEAR.

Oerhearrigens

⁶ Nei't Jozua it folk fuortstjoerd hie, giene de Israeliten allegearre nei har eigen erfdiel om it lân yn besit te nimmen. ⁷ Yn Jozua syn libben en dat fan de âldsten dy't him oerlibben en de grutte dingen sjoen hiene dy't de HEAR foar Israel dien hie, tsjinne it folk de HEAR. ⁸ Jozua, de soan fan Nûn, de tsjinner fan de HEAR, stoar doe't er hûndertentsien jier âld wie. ⁹ Doe begroeven se him yn it gebiet fan syn erfdiel yn Timnat-Chêres, yn it berchlân fan Efraïm, noardlik fan de berch Gaâsj.

¹⁰ Nei't dy hiele generaasje mei syn foarâlden ferienige wie, groeide der in oare generaasje op dy't de HEAR net koe en gjin weet hie fan wat er foar Israel dien hie. ¹¹ Mar de Israeliten diene kwea yn de eagen fan de HEAR. Hja ferearen de Baäls. ¹² Hja ferlieten de HEAR, de God fan harren foarâlden, dy't har út Egypte helle hie. Hja folgen oare goaden, goaden fan 'e folken om har hinne en hja bûgden har foar harren del. Doe makken se de HEAR liik. ¹³ Hja lieten de HEAR sitte en ferearen Baäl en de Astartes. ¹⁴ De HEAR waard dêrom poerliik op Israel. Hy joech har oer yn 'e macht fan plonderjende rôvers en levere harren út oan 'e fijannen om har hinne, dat hja koene har net mear ferdigenje tsjin harren fijannen. ¹⁵ Elke kear as se deropút giene om de striid oan te gean siet de HEAR har dwers, krekt sa't hy harren mei in eed sward hie.

Rjochters

¹⁶ Doe't se yn grutte need sieten, makke de HEAR dat der rjochters kamen dy't harren út de hannen fan har plonderers rêden. ¹⁷ Mar ek nei harren rjochters harken se net, want se lieten harren yn mei oare goaden en ferearen dy. Hja wiene al yn in omsjoch ôfwykt fan 'e libbenswize fan har foarâlden; dy harken wol nei de geboaden fan de HEAR, mar hja sels diene dat net. ¹⁸ Hieltiten as de HEAR makke dat der in rjochter kaam, dan stie hy oan 'e kant fan dy rjochter en rêde hy harren út de macht fan har fijannen, salang't dy rjochter libbe. Want it begrutte de HEAR, sa't se suchten ûnder har ferdruckers en benearders. ¹⁹ Mar as de rjochter dan stoar, bedoaren se it wer, noch slimmer as har

foarâlden, troch oare goaden efternei te rinnen en har dêrfoar del te bûgen. Hja joegen har ferkearde praktiken en dverse libbenswize net op.

²⁰ Doe waard de HEAR poerliik op Israel en sei: 'Dit folk hat myn ferbûn, dat ik mei har foarâlden sletten hie, skeind en hja hawwe net nei my harke. ²¹ Dêrom sil ik tenei ek gjinien fan de folken dy't Jozua by syn dea oerlitten hat, mear ferjeie. ²² Want ik sil harren brûke om Israel te hifkjen oft se har hâlde sille oan de wei fan de HEAR, lykas har foarâlden diene.' ²³ De HEAR liet dy folken oerbliuwe; hy hie se net daliks ferdreaun en harren net yn 'e macht fan Jozua jûn.

3

De oerbleaune folken

¹⁻² Om al dy Israeliten dy't de oarloppen om Kanaän net meimakke hiene, te hifkjen en oarlochsûnderfining te jaan (dat wol sizze, de nije generaasjes), hie de HEAR de neikommende folken mei rêst litten: ³ fiif foarsten fan de Filistinen, alle Kanaäniten, de Sidoaniërs en de Chiwviten dy't yn it berchlân fan Libanon wennen, fan de berch Baäl-Hermon oant de Hamatpas ta. ⁴ Dy folken wiene oerbleaun om Israel te hifkjen, dat de HEAR witte soe oft se harkje soene nei syn geboaden, dy't er har foarâlden troch Mozes oplein hie. ⁵ Mar doe't de Israeliten midden tusken de Kanaäniten yn wennen – de Hetiten, de Amoriten, de Perizziten, de Chiwviten en de Jebûsiten – ⁶ doe namen se harren dochters foar harsels as frou en joegen har eigen dochters oan dy har soannen en hja oanbeaen har goaden.

Otniël

⁷ De Israeliten diene kwea yn de eagen fan de HEAR. Hja fergeaten de HEAR har God en ferearen de Baäls en Asjeara's. ⁸ De HEAR waard doe poerliik op Israel. Hy levere harren oer oan Kûsjan-Risjataïm, de kening fan Twarivieren-Aram, en de Israeliten sieten acht jier ûnder Kûsjan-Risjataïm. ⁹ Doe rôpen de Israeliten de HEAR oan en de HEAR soarge derfoar dat der in rêder kaam foar de Israeliten: Otniël, de soan fan Kaleb syn jongere broer Kenaz, en dy rêde har. ¹⁰ De geast fan de HEAR kaam oer him, dat hy waard rjochter oer Israel en gie deropút om oarloch te fieren. De HEAR joech him kening Kûsjan-Risjataïm fan Aram yn syn macht en hy oermastere de kening. ¹¹ Dêrnei hie it lân fjirtich jier rêst oant Otniël, de soan fan Kenaz, stoar.

Ehûd

¹² Op 'e nij diene de Israeliten kwea yn de eagen fan de HEAR. Dêrom makke de HEAR Eglon, de kening fan Moäb, sterk tsjin Israel, om't dy kwea diene yn de eagen fan de HEAR. ¹³ Eglon helle de Ammoniten en de Amelekiten derby en mei-inoar fersloegen se Israel en namen de Palmstêd yn. ¹⁴ Achttjin jier lang wiene de Israeliten ûnderwurpen oan kening Eglon fan Moäb.

¹⁵ Mar doe't de Israeliten nei de HEAR rôpen om help, soarge de HEAR derfoar dat der

in rêder kaam: Ehûd, de soan fan Geara út de stam fan Benjamin en linkshandich. De Israeliten stjoerden Ehûd nei Eglon, de kening fan Moab, om skatting ôf te dragen, ¹⁶ dat hy makke foar himsels in koart twasnidend swurd, dat er ûnder de klean op 'e rjochterheup gaspe. ¹⁷ Sa brocht er de skatting nei Eglon, de kening fan Moäb. Dy Eglon wie in tige groulivich man. ¹⁸ Nei't Ehûd de skatting oerjûn hie, stjoerde er de dragers dêrfan fuort. ¹⁹ Mar doe't er sels oan de stiennen bylden by Gilgal kommen wie, gie er werom en sei tsjin de kening: 'Ik haw noch in geheim boadskip foar jo, kening.' De kening sei tsjin syn tsjinners: 'Lit ús allinne.' En hja giene allegearre fuort. ²⁰ Ehûd kaam op de kening ôf, wylst er allinne yn syn koele boppekeamer siet en sei: 'Ik haw in boadskip fan God foar jo.' Doe't er oerein kaam fan syn troan, ²¹ luts Ehûd mei de linkerhân it swurd fan de rjochterheup en stiek Eglon sa yn it liif, ²² dat sels it heft efter it blêd deryn gie. It fet klibbe om it blêd hinne, want hy luts it swurd net út it liif, en dridze protte derút. ²³ Hy die de doaren fan de boppekeamer ticht en op slot, en gie troch de pyldergong nei bûten ta.

²⁴ Nei't er fuort wie, kamen de tsjinners en seagen dat de doarren fan de boppekeamer op 't slot sieten. Doe seine se: 'Hy sil syn behoefte wol dwaan yn de binnenkeamer.'

²⁵ Hja wachten sa lang dat it beskamsom waard, mar hy die de doarren fan de keamer net iepen. Doe hellen se in kaai, diene iepen en seagen dat harren hear dea oer 'e grûn lei.

²⁶ En sa, wylst hja treuzelen, naaide Ehûd út. Hy wie de stiennen bylden al foarby en ûntkaam nei Sjeïra. ²⁷ Doe't er yn it berchlân fan Efraïm oankommen wie, blaasde er op de rammehoarn. Dêrop kamen de Israeliten mei him as oanfierder út it berchlân del.

²⁸ Hy sei tsjin har: 'Folgje my, want de HEAR hat jimme fijannen, de Moäbitten, oan jimme oerlevere.' Se folgen him, besetten de oerstekplakken fan de Jordaan nei Moäb ta en lieten gjinien nei de oare kant. ²⁹ Hja fersloegen doe de Moäbitten, sa'n tsientûzen man, allegearre grouwe en kriichshaftige manlju; net ien fan harren ûntkaam. ³⁰ Moäb waard dy deis ûnderwurpen oan Israel en sa krige it lân tachtich jier rêst.

Sjamgar

³¹ Nei Ehûd kaam Sjamgar, de soan fan Anat. Hy fersloech seishûndert Filistinen mei in oksestôk. Sa befrijde hy Israel ek.

4

Deboara en Barak

¹ Op 'e nij diene de Israeliten kwea yn de eagen fan de HEAR, nei't Ehûd stoarn wie.

² Dêrom levere de HEAR harren oer oan kening Jabin fan Kanaän, dy't regearre yn Chasor. De oanfierder fan syn leger wie Sisera, dy't syn kamp yn Charosjet-Haggojim hie.

³ Om't Jabin njoggenhûndert mei izer besleine striidweinen hie en de Israeliten al tweintich jier lang mei hurde hân ûnderdrukte, rôpen se de HEAR oan.

⁴ Yn dy tiid wie de profetes Deboara, de frou fan Lappidot, rjochter yn Israel. ⁵ Hja hâlde sitdei ûnder de palmbeam fan Deboara, dy't tusken Rama en Bet-El stiet, yn it berchlân fan Efraïm. De Israeliten giene dêrhinne om harren skelen oan har foar te lizzen. ⁶ Op in kear liet se Barak, de soan fan Abinoäm, dy't yn Kêdesj yn Naftaly wenne, by har komme en sei tsjin him: 'De HEAR, de God fan Israel, jout jo dit befele: "Tsjoch op nei de Tabor mei tsientûzen man út 'e stammen fan Naftaly en Sebûlon. ⁷ Dan sil ik Sisera, de oanfierder fan Jabin syn leger, tegearre mei syn weinen en troepen, nei de beek Kisjon bringe. Dêr sil ik him yn dyn macht jaan.'" ⁸ Barak antwurde: 'Ik gean allinne as jo mei my geane, oars gean ik net.' ⁹ 'Wis, ik sil mei dy gean', antwurde se, 'mar do silst gjin eare behelje op dizze kriichstocht, want de HEAR sil Sisera oan in frommes oerleverje.' Dêrop kaam Deboara oerein en gie mei Barak nei Kêdesj. ¹⁰ Dêr rôp Barak de mannen fan Sebûlon en Naftaly byinoar en tsientûzen man teagen mei him op; Deboara gie ek mei.

¹¹ No hie Chêber, in Kenyt, him fan de oare Keniten, ôfstammelingen fan Chobab, de skoanheit fan Mozes, ôfsûndere en syn tinte opset by de iik yn Saänaïm, yn 'e buert fan Kêdesj.

¹² Doe't Sisera ferteld waard, dat Barak, de soan fan Abinoäm, de berch Tabor opgien wie, ¹³ mobilisearre Sisera al syn njoggenhûndert izeren striidweinen en syn hiele leger, en sette út Charosjet-Haggojim wei nei de beek Kisjon. ¹⁴ Doe sei Deboara tsjin Barak: 'Oerein! Want dit is de dei, dat de HEAR dy Sisera yn hannen jout. Wis, de HEAR giet foar dy út!' Dêrop kaam Barak fan de Tabor del mei tsientûzen man efter him oan. ¹⁵ Mei't Barak mei it swurd oanfoel, brocht de HEAR Sisera mei al syn striidweinen en syn hiele leger yn ûnstjoer. Doe sprong Sisera fan 'e wein ôf en naaide rinnendewei út. ¹⁶ Mar Barak siet efter de weinen en it leger oan, oan Charosjet-Haggojim ta. It hiele leger fan Sisera sneuvelen; der bleau net ien man oer.

¹⁷ Sisera lykwols wie rinnendewei útnaaid nei de tinte fan Jaël, de frou fan Chêber de Kenyt, omt Chêber syn famylje it goed fine koe mei kening Jabin fan Chazor. ¹⁸ Jaël kaam nei bûten ta, Sisera yn 'e mjitte, en sei tsjin him: 'Hjirhinne, mynhear, kom hjir by my. Haw gjin noed.' Doe kaam er by har yn 'e tinte en sy lei in tekken oer him hinne. ¹⁹ 'Mei ik wat wetter,' sei er tsjin har, 'ik haw toarst.' Hja die in learen molksek iepen, joech him te drinken en duts him wer ta. ²⁰ 'Gean yn 'e iepening fan de tinte stean,' sei er doe. 'As der dan imen komt en freget oft der ien is, sis dan fan nee.' ²¹ Doe krige Jaël, Chêber syn frou, in tintehjerring, naam in hammer yn de hân en gie súntsjes nei him ta. Doe't er fan wurgens yn 'e sliep fallen wie, sloech se him de hjerring troch de holle de grûn yn. Sa stoar er. ²² Op dat stuit kaam Barak, dy't Sisera efternei siet, deroan. Jaël seach him, kaam nei bûten op him ta en sei tsjin him: 'Kom, ik sil jo de man sjen litte dy't jo sykje.' Doe't er yn 'e tinte kaam, lei Sisera dêr dea mei de hjerring troch de sliep. ²³ Sa fernedere God dy deis kening Jabin fan Kanaän foar de Israeliten. ²⁴ En de hân fan de Israeliten drukte hieltiten swierder op kening Jabin fan Kanaän oant se him ferneatige hiene.

Liet fan Deboara

¹ Op dy dei songen Deboara en Barak, de soan fan Abinoäm, dit liet:

² 'Om't Israel tawijd wie en it hier losmakke hat,
om't it folk ree wie om te striden –
loovje de HEAR!

³ Harkje, keningen! Stek de earen op, notabelen!
Sjonge wol ik, sjonge foar de HEAR!
Ik wol muzyk meitsje foar de HEAR, de God fan Israel.

⁴ HEAR, doe't jo út Séir opteagen
en út it fjild fan Edom wei kamen,
beve de ierde, stjalpe it út 'e himel,
spielde it wetter út 'e wolken.

⁵ Bergen wankelen foar de HEAR,
dy fan 'e Sinaï, foar de HEAR, de God fan Israel.

⁶ Yn de tiid fan Sjamgar, de soan fan Anat,
yn de tiid fan Jaël, wiene de grutte wegen ferlitten,
reizgers giene no bochtsjende paden del.

⁷ Der wie gjin lânlibben mear yn Israel,
it wie ferdwûn,
oant ik, Deboara, oerein kaam,
oerein kaam as in mem yn Israel.

⁸ As se nije goaden keazen,
waard it striid yn de stedspoarten,
mar ûnder fjirtichtûzen man yn Israel
wie gjin skyld as spear te sjen.

⁹ Myn hert giet út nei de oanfierders fan Israel,
nei de mannen dy't har oanmelde om te fjochtsjen –
loovje de HEAR! –

¹⁰ Jimme, dy't ride op wite ezelinnen,
en sitte op djoere sealtekken,
en jimme, dy't geandefoet geane – tink der oer nei.

¹¹ Boppe it lûd fan har, dy't it wetter ferpertsje
by de wetterputten,
litte se dêr de grutte dieden fan de HEAR fertelle,
de grutte dieden fan syn plattelanners yn Israel!

Doe is it folk fan de HEAR delkommen nei de poarten:

¹² Oerein, oerein, Deboara! Oerein, oerein! Sjong in liet!
Oerein, Barak, en bring dyn gefangenen fuort, soan fan Abinoäm!

¹³ Doe kamen de stânfêste oanfierders del,
it folk fan de HEAR kaam mei my del mei de helden.

¹⁴ Ut de stam fan Efraïm kamen de ynwenners fan it eardere Amalek;
efter dy oan kaam Benjamin mei syn troepen;
út Makir kamen de oanfierders del,
út Sebûlon dy't de kommandostêf droegen.

¹⁵ De foarsten fan Issaskar stipen Deboara,
Issaskar holp Barak:
hja folgen Barak efternei de delling yn.
Mar de stam fan Rûben sieten mar te redendielen.

¹⁶ Wêrom bist dochs sitten bleaun tusken de skieppeskuorren,
om te harkjen nei it fluitsjen by de keppels?
Dy fan Rûben sieten mar te redendielen!

¹⁷ Gileäd bleau oare kant de Jordaan.
En Dan, wêrom holdsto dy beside by de skippen?
Azer hold ta oan it strân fan de see
en by syn havens.

¹⁸ Sebûlon lykwols is in folk dat, krekt as Naftaly,
syn libben weage hat op de hege fjilden.

¹⁹ Keningen kamen en fochten.
Doe fochten de keningen fan Kanaän
yn Taänach, by it wetter fan Megiddo,
mar gjin greveltsje sulver hawwe se bútmakke.

²⁰ Ut de himel wei fochten de stjerren,
út har banen wei strieden se tsjin Sisera.

²¹ It wetter fan de Kisjon spilde se fuort,
dy oerâlde beek, de Kisjon.

Foarút, myn siel, set dy te war!

²² Doe kletteren de hynstehoeven fan it fjouwerjen,
it fjouwerjen fan har machtige hynsten.

²³ "De flok oer Mearoz", seit de ingel fan de HEAR,
"ferflok, ja, ferflok syn ynwenners,
om't se net kommen binne om de HEAR te helpen,
de HEAR te stypjen mei kriichshaftige manlju."

²⁴ Seinige sil Jaël wêze, mear as alle froulju,
de frou fan Chêber de Kenyt.

Mear as alle froulju dy't yn tinten wenje sil hja seinige wêze.

²⁵ Wetter frege er – molke joech se.

Yn in kostbere skaal brocht se rjemme.

²⁶ Hja stuts de lofterhân út nei in hjerring,
mei de rjochterhân krige se in wurkmanshammer.

Hja sloech Sisera, ferplettere him de holle,
ferbrizele en trochboarre him de sliep.

²⁷ Tusken har fuotten sakke er yninoar;

hy foel – dêr lei er.

Tusken har fuotten sakke er yninoar; hy foel.

Dêr't er yninoar sakke, dêr foel er del, kroandea.

²⁸ Troch it finster seach se.

Hja skriemde, Sisera syn mem, efter de spilen wei:

“Wêrom bliuwt syn wein salang wei?

Wêrom bliuwt it ratteljen fan syn striidweinen mar wei?”

²⁹ De wiiste fan har hofdames antwurden har,

hja seine wat se hieltyd mar wer tsjin harsels sei:

³⁰ “Faaks binnen se noch dwaande om de bût te ferpartsjen:

ien famke foar elke soldaat of sels twa.

In bût fan bûnte stoffen foar Sisera,

in bût fan bûntguod,

borduerwurk, twakleurich, foar om de hals.”

³¹ Meie sa jo fijannen allegearre omkomme, HEAR!

Mar meie dy't him leafhawwe, wêze

as de sinne dy't opkomt yn syn krêft.'

En it lân hie fjirtich jier rêst.

6

Israel ûnder de Midjaniten

¹ De Israeliten diene wat ferkeard wie yn de eagen fan de HEAR en de HEAR joech harren sân jier oer oan de Midjaniten. ² En om't de wang fan Midjan Israel swier foel, makken de Israeliten skûlplakken foar harren sels yn 'e bergen, grotten en fêstingen.

³ Want as de Israeliten siedde hiene, dan kamen de Midjaniten mei de Amalekiten en de stammen út it easten opsetten en oerfoelen har. ⁴ Sy makken kamp op harren gebiet en fernielden al it gewaaks, hielendal oant Gaza ta. En sy lieten gjin iten oer yn Israel, gjin skiep, kobisten of ezels. ⁵ Se kamen as swarmen sprinkhoannen mei har fee en tinten opsetten. Sy en har kamielen, se wiene net te tellen. Sa foelen se it lân yn om it te

ferwoestjen. ⁶ De Israeliten ferearmoeden sa ûnder de Midjaniten, dat hja rôpen nei de HEAR om help.

⁷ Doe't de Israeliten nei de HEAR rôpen fanwegen de Midjaniten, ⁸ stjoerde er in profeet nei de Israeliten dy't tsjin harren sei: 'Dit seit de HEAR, de God fan Israel: Iksels haw jimme út Egypte weihelle en jimme út 'e slavernij fierd. ⁹ Ik haw jimme rêden út 'e macht fan Egypte en út 'e macht fan al jimme ûnderdrukkers. Ik haw har foar jimme ferjage en harren lân oan jimme jûn. ¹⁰ En ik sei tsjin jimme: "Ik bin de HEAR, jimme God. Ferearje de goaden fan de Amoriten net, yn waans lân jimme wenje." Mar jimme hawwe net nei my harke.'

Gideön roppen

¹¹ De ingel fan de HEAR kaam en gie ûnder de terebint yn Ofra sitten, dy't fan Joäsj de Abiëzryt wie. Gideön, syn soan, stie yn 'e wynparse te weeterskjen om it foar de Midjaniten út 'e wei te bringen. ¹² Doe ferskynde de ingel fan de HEAR oan him en sei: 'De HEAR stiet dy by, do machtige strider!' ¹³ Mar Gideön sei tsjin him: 'Nim my net kwea ôf, mynhear, mar as de HEAR ús bystiet, wêrom is dit alles ús oerkommen? Wêr binne al syn wûnders, dêr't ús âlden ús fan ferteld hawwe as se seine: "Ja, de HEAR hat ús út Egypte weihelle." Mar no hat de HEAR ús yn 'e steek litten en ús yn de macht fan de Midjaniten jûn.' ¹⁴ Doe draaide de HEAR him nei Gideön om en sei: 'Brûk dyn krêft en rêd Israel út 'e macht fan de Midjaniten. Bin ik it net dy't dy stjoert?' ¹⁵ Mar Gideön antwurde: 'Nim my net kwea ôf, Hear, mar hoe soe ik Israel rêde? Myn staach is ommers de minste fan Manasse en ik bin de jongste yn myn famylje.' ¹⁶ De HEAR antwurde: 'Om't ik by dy wêze sil, silsto de Midjaniten ferslaan, as wie it mar ien man.' ¹⁷ Dêrop sei Gideön: 'As jo it goed mei my miene, jou my dan in teken, dat jo it sels binne dy't mei my praat. ¹⁸ Gean hjir dochs net wei, ear't ik by jo werom kom en myn jefte bring en dy oan jo foarset.' Hy sei: 'Ik bliuw hjir oantsto werom bist.' ¹⁹ Doe gie Gideön} nei hûs ta en makke in geitebokje klear en fan in efa moal bakte er ûnsuorre bôle. It fleis die er yn in koer en it fleissop yn in pot. Hy brocht it him ûnder de terebint en sette it foar him del. ²⁰ Gods ingel sei doe tsjin him: 'Nim it fleis en de ûnsuorre bôle en lis it op dizze rots en jit it sop út.' Dat die er. ²¹ De ingel fan de HEAR stiek de stôk út, dy't er yn de hân hie, en rekke mei de punt derfan it fleis en de ûnsuorre bôle oan. Doe skeat der fjoer op út 'e rots en fertarde it fleis en de ûnsuorre bôle. En de ingel fan de HEAR rekke út it sicht. ²² Doe seach Gideön dat it de ingel fan de HEAR west hie, en hy sei: 'Och, Hear GOD. Ik haw each yn each stien mei de ingel fan de HEAR.' ²³ Mar de HEAR sei tsjin him: 'Frede. Wês net bang, do silst net stjerre.' ²⁴ Doe boude Gideön dêr in alter foar de HEAR en neamde it: De HEAR is frede. Dat stiet hjoed-de-dei noch altyd yn Ofra fan 'e Abiëzriten.

Gideön fernielt it alter fan Baäl

²⁵ Dyselde nacht noch sei de HEAR tsjin Gideön: 'Nim de twadde fan jimme heite bollen, dy fan sân jier. Helje dan jim heit syn alter fan Baäl del en slaan de peal fan Asjeara, dy't derby stiet, stikken. ²⁶ Bou in alter foar de HEAR, dyn God, boppe op dizze

fêsting. Offerje dan de twadde bolle as in brânoffer mei it hout fan 'e peal fan Asjeara, dy'tsto stikken slein hast.' ²⁷ Doe naam Gideön tsien man fan syn feinten mei en die sa't de HEAR him sein hie. Mar om't er bang wie foar syn famylje en foar de manlju út 'e stêd, die er it net oerdei mar de nachts.

²⁸ Doe't de manlju út 'e stêd der de oare moarns betiid ôfkamen, seagen se dat it alter fan Baäl delhelle en de Asjeara, dy't dêrby stie, stikken slein wie, en dat de twadde bolle op it nijboude alter offere wie. ²⁹ Hja fregen inoar: 'Wa hat dat dien?' Doe't se it útsochten en neifraach diene, waard der sein: 'Gideön, de soan fan Joäsj, hat dat dien.'

³⁰ Doe seine de manlju út 'e stêd tsjin Joäsj: 'Bring jo soan nei bûten ta, want hy moat stjerre, omdat er it alter fan Baäl delhelle en de peal fan Asjeara, dy't dêrby stie, stikken slein hat.' ³¹ Mar Joäsj sei tsjin allegearre dy't by him stiene: 'Moatte jimme foar Baäl yn 'e pleit gean? Moatte jimme him rêde? Wa't foar him yn 'e pleit giet, sil foar de moarntiid noch deade wurde. As Baäl wier in god is, lit him dan foar himsels pleitsje, om't syn alter delhelle is.' ³² Dêrom neamden se Gideön dyselde deis Jerûbbaäl, dat wol sizze: 'Lit Baäl pleitsje', want se seine: 'Lit Baäl tsjin him pleitsje, om't er syn alter delhelle hat.'

Gideön kriget tekens

³³ Doe kamen alle Midjaniten en Amalekiten en de stammen út it easten byinoar. Se stutsen de rivier oer en makken kamp yn 'e flakte fan Jizreël. ³⁴ En Gideön waard beklaaid mei de geast fan de HEAR. Hy blaasde op 'e rammehoarn en rôp de Abiezriten op om him te folgjen. ³⁵ Dernei stjoerde er boaden troch hiele Manasse en rôp dy ek op om him te folgjen. Sa stjoerde er ek boaden troch Azer, Sebûlon en Naftaly dat hja kamen him wapene temjitte. ³⁶ Gideön sei tsjin God: 'As jo wier troch my Israel rêde wolle, lykas jo tasein hawwe – ³⁷ sjoch, ik lis in wollen flues op 'e terskflier. As der dan allinne op it flues focht fan 'e dauwe wêze sil, mar de grûn dêromhinne oeral drûch, dan sil ik witte dat jo troch myn macht Israel rêde sille, lykas jo tasein hawwe.' ³⁸ En sa barde it. Doe't er der de oare moarns betiid ôfkaam en it flues útwrong, knypte er de dauwe út it flues, in skaal fol wetter. ³⁹ Gideön sei tsjin God: 'Wurd net lilk op my, as ik noch ienkear wat freegje. Lit my it noch ienkear besykje mei it flues: Lit it flues allinne drûch wêze, mar de grûn dêromhinne oeral wiet fan 'e dauwe.' ⁴⁰ En God die it dyselde nachts. Allinne it flues wie drûch, mar de grûn wie wiet fan 'e dauwe.

7

It folk wurdt skifte

¹ Jerûbbaäl, dat wol sizze Gideön, mei al it folk dat by him wie, kaam der betiid ôf en hja sloegen harren kamp op by de welle fan Charod. It kamp fan de Midjaniten lei noard fan harren yn de delling by de heuvel Moaré. ² Doe sei de HEAR tsjin Gideön: 'Hast te folle striders. Sa sil ik har de Midjaniten net yn hannen jaan. Israel soe oars ris tsjin my opsprekke kinne: "Wy hawwe ússels op eigen krêft ferlost." ³ Meitsje dêrom it folk

bekend: "Wa't der tsjin oansjocht en skitende benaud is, dy mei weromgean en it berchlân fan Gileäd ferlitte." Doe giene twaentweintichtûzen manlju werom, en tsientûzen bleaune oer.

⁴ Doe sei de HEAR: 'Der binne der noch tefolle. Lit se delgean nei it wetter en dêr sil ik se foar dy skiftsje. As ik sis: "Dy sil mei dy gean," dan giet er mei. Mar as ik sis: "Dy sil net mei," dan giet er net mei.' ⁵ Doe liet Gideön de mannen del gean nei it wetter. Doe sei de HEAR tsjin Gideön: 'Skied elkenien dy't it wetter opslikket mar har tong as in hûn fan dejingen dy't op har knibbels gean om te drinken.' ⁶ Trijehûndert man slikke it wetter út de holle hân. Mar de oaren giene op 'e knibbels lizze om te drinken. ⁷ De HEAR sei tsjin Gideön: 'Mei de trijehûndert man dy't it wetter opslikke hawwe, sil ik jimme rêde en de Midjaniten yn jimme macht jaan, mar al it oare folk moat werom nei hûs gean.' ⁸ Dêrop stjoerde Gideön alle oare Israeliten nei hûs ta, mar harren proviand en rammehoarnen namen se yn. Allinne de trijehûndert man hâlde er by him. It legerkamp fan de Midjaniten lei ûnder yn 'e delling.

Gideön kriget noch in teken

⁹ Dy nacht sei de HEAR tsjin Gideön: 'Oerein, gean del nei it legerkamp, want ik haw it yn dyn macht jûn. ¹⁰ Mar mochtst dertsjinoan sjen, gean dan del nei it legerkamp mei Poera, dyn feint, ¹¹ en harkje dan ôf wat se beprate. Dan silst moed krije om del te gean nei it legerkamp.' Doe gie er del mei syn feint, oant de foarposten fan it legerkamp. ¹² De Midjaniten, de Amalekiten en de stammen út it easten leine yn de delling, as in swarm sprinkhoannen sa machtich. Har kamielen wiene like min te tellen as de sânkerrels op it strân, sa machtich. ¹³ Krekt doe't Gideön der oankaam, hearde er in man dy't syn maat in dream fertelde: 'Ik haw dreamd! In rûn koarnbrea rôle it kamp fan de Midjaniten yn. It kaam oan de tinte ta, sloech dêr tsjinoan sa dat dy omfoel en reage dy ûndersteboppest. En dêr lei de tinte!' ¹⁴ Syn maat reagearre: 'Dat kin oars net wêze as it swurd fan Gideön, de soan fan Joäsj, de man út Israel. God hat him it hiele kamp fan de Midjaniten yn hannen jûn.'

De Midjaniten ferslein

¹⁵ Doe't Gideön de dream mei syn útlis heard hie, bûgde er him yn oanbidding del. Hy gie werom nei it leger fan Israel en sei: 'Oerein! De HEAR hat jimme it kamp fan 'e Midjaniten yn hannen jûn.' ¹⁶ Hy ferdielde de trijehûndert man yn trije kloften en joech elk in rammehoarn yn 'e hannen, lege krûken en yn dy krûken fakkels. ¹⁷ 'Sjoch nei my', sei er, 'en doch krektsa. Wannear't ik by de foarposten fan it leger oankommen bin, dan moatte jimme krekt itselde dwaan as ik. ¹⁸ As ik en allegearre dy't by my binne op de rammehoarn blaze, dan moatte jimme dat ek dwaan om it hiele kamp hinne. En dan moatte jimme roppe: "Foar de HEAR en foar Gideön!"' ¹⁹ Gideön en de hûndert man dy't by him wiene, kamen by de foarposten fan it kamp, oan it begjin fan de middelste nachtwacht, doe't se krekt de wachten wiksele hiene. Se blaasden op de rammehoarn, en sloegen de krûken stikken dy't se yn 'e hân hiene. ²⁰ Doe blaasden de trije kloften op de

rammehoarnen en sloegen de krûken stikken. Yn de linkerhân holden se de fakkels, en yn 'e rjochterhân de rammehoarnen om op te blazen en se rôpen: 'It swurd foar de HEAR en foar Gideön!' ²¹ Se bleaune stean, elk op syn plak, om it kamp hinne. Doe gie it hiele leger op 'e rin. Se raasden en flechten. ²² Wylst de trijehûndert manlju op de rammehoarnen blaasden, liet de HEAR it hiele leger opinoar ynslaan en it leger flechte nei Sereda oant Bet-Sjitta ta, dat aon de wâlkant by Abel-Mechola leit, deun by Tabbat.

Efterfolging fan 'e Midjaniten

²³ En de manlju fan Israel waarden oproppen út Naftaly, Azer en hiel Manasse en sy efterfolgden de Midjaniten. ²⁴ Gideön stjoerde ek boaden troch it hiele berchlân fan Efraïm mei it boadskip: 'Kom del, de Midjaniten yn 'e mjitte en beset de rivier de Jordaan oan Betbara ta.' Doe waard alleman fan Efraïm oproppen en sy besetten de rivier de Jordaan oan Betbara ta. ²⁵ Sy krigen twa oanfierders fan de Midjaniten, Oareb en Seëb, yn hannen en deaden Oareb by de rots Oareb en Seëb by de parskûpe Seëb. Se efterfolgen de Midjaniten, mar de hollen fan Oareb en Seëb brochten se nei Gideön oan de oare kant de Jordaan.

8

Rúzje mei Efraïm besljochte

¹ Doe fregen de manlju fan Efraïm Gideön: 'Wêrom hast ús sa behannele? Wêrom hast ús net roppen doe'tst tsjin de Midjaniten opteachst?' Sy foelen hurd tsjin him út. ² Mar hy antwurde: 'Wat haw ik dien dat mei jimme te ferlykjen is? Is de druveneirising fan Efraïm net better as de risping fan ripe druven fan Abiêzer?' ³ God hat jim de oanfierders fan Midjan, Oareb en Seëb, yn 'e macht jûn, mar wat ik dien haw wie neat ferlike by jimme.' Nei't er dat sein hie, bekaam harren lilken.

Gideon syn striid eastlik fan de Jordaan

⁴ Gideön wie by de Jordaan oankommen. Hy stuts oer mei de trijehûndert man dy't er by him hie, wurch, mar wol yn de efterfolging. ⁵ Hy sei tsjin 'e manlju fan Sûkkot: 'Jou dochs wat bôle oan myn manskippers, want se binne yn 'e ein en ik sit Sêbach en Salmûna, de keningen fan de Midjaniten, efternei.' ⁶ Mar de liederen fan Sûkkot seine: 'Hawwe jimme Sêbach en Salmûna al yn hannen? Wêrom soene wy jo manskippers dan bôle jaan?' ⁷ Gideön reagearre: 'Dan sil ik jimme ôfranselje mei toarnen en stikels út 'e woestyn, as de HEAR Sêbach en Salmûna my yn 'e macht jûn hat.' ⁸ Doe gie er fan Sûkkot nei Penûel en frege de bewenners itselde, mar dy joegen him itselde antwurd as de manlju fan Sûkkot dien hiene. ⁹ Dêrom sei er ek tsjin de mannen fan Penûel: 'As ik as oerwinner weromkom, sil ik dizze toer delhelje.'

¹⁰ Sêbach en Salmûna hiene ûnderwilens mei sa'n fyftjintûzen man harren legerkamp by Karkor opslein. Dat wie alles wat der noch oer wie fan it hiele leger fan de stammen út it easten: hûnderttweintichtûzen swurdfjochters wiene sneuvele. ¹¹ Gideön folge de wei

fan de nomaden, eastlik fan Nobach en Jogbeha, en oerfoel hommels dat leger.

¹² Sêbach en Salmûna, de beide keningen fan Midjan, flechten, mar hy efterfolge harren en krige se yn hannen, en en jage it hiele leger de skrik op it liif.

¹³ Doe't Gideön, de soan fan Joäsj, weromkaam fan 'e striid by de berchpas fan Chêres, ¹⁴ hold er in jongfeint út Sûkkot oan en befrege him. Dy skreau doe de nammen fan de liederen en de âldsten fan Sûkkot foar him op, sânensantich man. ¹⁵ Doe't Gideön by de lju fan Sûkkot kaam, sei er: 'Sjoch, hjir binne Sêbach en Salmûna, dêr't jimme my de gek om oanstutsen hawwe, doe't jimme seine: Hawwe jimme Sêbach en Salmûna al yn hannen? Wêrom soene wy dan bôle jaan oan jo wurge manskippen?' ¹⁶ Doe naam er de âldsten fan de stêd en strafte harren mei woestyntoarnen en stikels, dat hy printe it sa de lju fan Sûkkot goed yn. ¹⁷ De toer fan Penûel helle er del en hy deade de manlju fan 'e stêd.

¹⁸ Tsjin Sêbach en Salmûna sei er: 'Hokker manlju wiene it, dy't jimme op de Tabor deade hawwe?' Sy antwurden: 'Dy liken krekt op jo. Hja seagen der allegearre út as keningsoannen.' ¹⁹ Doe sei Gideön: 'Dat wiene myn bruorren, myn memme soannen. Sa wier as de HEAR libbet, as jimme har yn libben litten hiene, dan soe ik jimme net deadzje.' ²⁰ Dêrop sei er tsjin Jêter, syn âldste soan: 'Oerein, deadzje harren!' Mar de jonge luts syn swurd net, want hy doarde net, om't er noch mar in jonkje wie. ²¹ Sêbach en Salmûna seine: 'Kom sels oerein en stek ús dea, want dat is manljuswurk.' Dat Gideön kaam oerein en deade Sêbach en Salmûna. De gouden moantsjes, dy't om 'e hals fan har kamielen hongen, naam er mei.

Gideön syn lettere libben en syn dea

²² Doe seine de Israeliten tsjin Gideön: 'Wês ús hearsker, jo en letter jo soan en jo pakesizzer, want jo hawwe ús rêden út 'e macht fan 'e Midjaniten.' ²³ Mar Gideön antwurde: 'Ik sil net oer jimme hearskje en myn soan likemin. De HEAR sil oer jimme hearskje.' ²⁴ 'Mar', sei er, 'ien ding wol ik jimme freegje: Lit elk fan jimme my in ring jaan fan syn bú't.' De Ismaeliten droegen nammentlik gouden earringen. ²⁵ Hja seine: 'Dy wolle wy wis jaan.' En sy spraten in mantel út, dêr't elk in earring fan syn bú't op smiet. ²⁶ It gewicht fan 'e gouden earringen dêr't Gideön om frege hie, wie santjinhûndert sikkel goud, de moantsjes en earbellen net meirekkene, likemin as de poarperen mantels dy't de keningen fan Midjan droegen hiene, en de kettings dy't de kamielen om 'e hals hiene. ²⁷ Gideön makke dêr in efod fan en sette dy del yn syn stêd, Ofra. Hiel Israel wie ûntrou mei't se dat byld fereare, en it waard in falstrik foar Gideön en syn famylje.

²⁸ Sa waarden de Midjaniten foar de Israeliten fernedere en sy stutsen de holle net wer op. En alang't Gideön libbe, hie it lân rêst, fjirtich jier lang. ²⁹ Jerûbbaäl-Gideön, de soan fan Joäsj, sette him wer nei wenjen yn syn eigen hûs.

³⁰ Hy hie santich bloedeigen soannen, want hy hie gâns frouen. ³¹ Syn byfrou yn Sichem berne him ek in soan en dy joech er de namme Abimêlek. ³² Gideön, Joäsj syn soan, stoar yn hege âlderdom en hy waard begroeven yn it grêf fan syn heit Joäsj, yn Ofra, de stêd fan de Abiëzriten. ³³ Gideön wie noch net dea of de Israeliten waarden op 'e nij ûntrou en

ferearren de Baäls. Hja makken har de Bûnsbaäl ta god ³⁴ en tochten net mear oan de HEAR, harren God, dy't har rêden hie út 'e macht fan alle fijannen om har hinne.

³⁵ Likemin bleaune se trou oan de famylje fan Jerubaäl-Gideön, hoewol't er safolle goeds foar Israel dien hie.

9

Abimêlek wurdt kening

¹ Abimêlek, de soan fan Jerûbbaäl, gie nei syn memme bruorren yn Sichem en sei tsjin harren en tsjin de hiele famylje fan syn mem: ² 'Freegje alle boargers fan Sichem: "Wat is better foar jimme? Dat alle santich soannen fan Jerûbbaäl oer jimme regearje, of allinne ien man? Tink derom: ik bin jimme eigen fleis en bloed.'" ³ Doe werhelle syn memme bruorren syn fraach foar alle boargers fan Sichem. Dy keazen foar Abimêlek, want, seine se: 'Hy is ús broer.' ⁴ Sy joegen him santich sulverstikken út de timpel fan de Bûnsbaäl en dêr hierde Abimêlek in stel lossinnige neatnutters foar dy't syn folgers waarden. ⁵ Hy gie nei it hûs fan syn heit yn Ofra en deade syn santich bruorren, de soannen fan Jerûbbaäl, op ien stien. Mar Jotam, de jongste soan fan Jerûbbaäl, bleau yn libben, want dy hie him ferskûle. ⁶ Doe kamen alle boargers fan Sichem en fan Bet-Millo byinoar by de iik njonken de wijstien yn Sichem en makken Abimêlek dêr kening.

Jotam syn fabel

⁷ Doe't se it Jotam fertelden, gie er boppe op 'e berch Gerizzim stean en rôp lûd: 'Harkje nei my, boargers fan Sichem, dan sil God nei jimme harkje.

⁸ De beammen giene der ris op út om in kening oer har te salvjen. Hja seine tsjin de olivebeam: "Wês do ús kening." ⁹ Mar de olivebeam antwurde: "Soe ik myn oalje opjaan, dêr't sawol goaden as minsken mei eare wurden, om boppe de oare beammen út hinne en wer te sweevjen?" ¹⁰ Doe seine de beammen tsjin 'e figebeam: "Kom, wês do ús kening." ¹¹ Mar de figebeam antwurde: "Soe ik myn frucht, sa swiet en goed, opjaan om boppe de oare beammen út hinne en wer te sweevjen?" ¹² Doe seine de beammen tsjin de wynstôk: "Kom, wês do ús kening." ¹³ Mar de wynstôk antwurde: "Soe ik myn druvesop opjaan dat God en minsken bliid makket om boppe de oare beammen út hinne en wer te sweevjen?" ¹⁴ Doe seine alle beammen tsjin de toarnstrûk: "Kom, wês do ús kening." ¹⁵ En de toarnstrûk sei tsjin 'e beammen: "As jimme my wier ta kening salvje wolle, kom dan en skûlje yn myn skaad. Mar sa net, dan sil der fjoer út 'e toarnestrûk komme en de seders fan de Libanon fertarre."

¹⁶ No, binne jimme yn goetrou te wurk gien, doe't jimme Abimêlek kening makke hawwe? Hawwe jimme goed mei Jerûbbaäl en syn famylje hannele? Hawwe jimme him beleand sa't er fertsjinne hie? ¹⁷ Us heit hat ommers foar jimme striden en syn libben weage om jimme te rêden út 'e macht fan Midjan. ¹⁸ Mar hjoed binne jimme opstien tsjin ús heite famylje. Jimme hawwe syn santich soannen, de ien nei de oare, op ien stien

deade en Abimêlek, de soan fan syn tsjinstfaam, kening makke oer de boargers fan Sichem, om't er oan jimme besibbe is. ¹⁹ As jimme fine dat jimme hjoed earlik en yn goetrou hannele hawwe mei Jerûbbaäl en syn famylje, dan meie jimme bliid wêze mei Abimêlek en hy mei jimme. ²⁰ Mar is dat net sa, lit der dan fjoer út Abimêlek komme en jimme, boargers fan Sichem en Bet-Millo, fertarre, en lit der fjoer komme út jimme, boargers fan Sichem en Bet-Millo, en Abimêlek fertarre.' ²¹ Doe flechte Jotam nei Beër en bleau dêr om't er bang wie foar syn broer Abimêlek.

Sichem kriget syn nocht fan Abimêlek

²² Nei't Abimêlek trije jier oer Israel regearre hie, ²³ stjoerde God in kweade geast tusken Abimêlek en de boargers fan Sichem, dat hja giene ferriedlik mei Abimêlek om. ²⁴ Saswaande koe it ûnrjocht, dat de santich soannen fan Jerûbbaäl oandien wie, wreke wurde op har broer Abimêlek, dy't har deade hie, en op de boargers fan Sichem, dy't him stipe hiene om syn bruorren te deadzjen. ²⁵ De boargers fan Sichem setten mûklagen op op de berchtoppen en berôven alles wat har op 'e wei kaam. En dat waard trochdien oan Abimêlek.

²⁶ Doe kamen Gaäl, de soan fan Ebed, en syn famylje yn Sichem oan, en de boargers fan Sichem joegen him har betrouwen. ²⁷ Nei't se it fjild yngiene wiene en druven yn har druehêven garre hiene, trapen se dy út. Se fierden feest en giene nei de timpel fan harren god, en wylst se ieten en dronken, ferflokten se Abimêlek. ²⁸ Doe sie Gaäl, de soan fan Ebed: 'Wa is Abimêlek eins, en wêrom soene wy, Sichemiten, him tsjinje moatte? Is hy net de soan fan Jerûbbaäl en is Sebûl net syn folmacht? Tsjinje it neiteam fan Hemor, de heit fan Sichem! Wêrom soene wy Abimêlek tsjinje?' ²⁹ As ik de baas wie fan dit folk, dan soe ik Abimêlek ôfsette! Ik soe tsjin him sizze: "Kom mar op mei dyn grutte leger!"

³⁰ Doe't Sebûl, de stêdkommandant, hearde wat Gaäl, de soan fan Ebed, sein hie, waard er tige liik. ³¹ Hy stjoerde stikem boaden nei Abimêlek mei it boadskip: 'Gaäl, de soan fan Ebed, is mei syn famylje yn Sichem oankommen en no sette se de stêd tsjin jo op. ³² Kom fannacht mei jo manskippers, en set in mûklaach op yn it fjild. ³³ Yn de iere moarn, by sinne-opgong, moatte jo foar it ljocht komme en de stêd oanfalle. En as hy mei syn manskippers op jo losgeane, nim dan jo trekken waar om harren oan te fallen.' ³⁴ Dy nachts kaam Abimêlek mei al syn manskippers, en hja stelden har temûk op yn fjouwer kloften deun by Sichem. ³⁵ Gaäl, de soan fan Ebed, woe de stêd útgean en bleau by de yngong fan 'e stedspoarte stean, krekt doe't Abimêlek mei syn manskippers út harren skûlplak oereinkamen. ³⁶ Doe't Gaäl harren seach, sei er tsjin Sebûl: 'Sjoch, dêr komt folk by de berchtoppen del.' 'Do sjochst it skaad fan 'e bergen foar minsken oan!', reagearre Sebûl. ³⁷ Gaäl lykwols hâld oan en sei: 'Sjoch, dêr komt folk fan 'e berch yn it midden fan it lân, en dêr komt in kloft fan 'e kant fan de Tsjoenderbeam!' ³⁸ Doe sei Sebûl tsjin him: 'Wêr is dyn grutte mûle no, doe'tst seist: "Wa is Abimêlek eins? Wêrom soene wy him tsjinje?" Is dat it folk net dêr'tsto de spot mei hân hast? Gean der no mar hinne en begjin de striid mei harren!' ³⁹ Doe gie Gaäl mei de boargers fan Sichem deropôf en stried tsjin

Abimêlek. ⁴⁰ Abimêlek sette him efternei en jage him op 'e flecht. Der foelen gâns deaden, oan de yngong fan 'e poarte ta. ⁴¹ Abimêlek bleau doe yn Arûma, en Sebûl ferdreau Gaäl en syn famylje út Sichem wei.

⁴² De oare moarns giene de bewenners fan Sichem oan it wurk op fjild en dat waard trochdien oan Abimêlek. ⁴³ Doe naam er syn manskippen, ferdielde harren yn trije kloften en sette in mûklaach op yn it fjild. Sadree't er seach dat it folk de stêd útkaam, foel er harren oan. ⁴⁴ Abimêlek en syn mannen oerfoelen har en besetten de yngong fan 'e stedspoarte, wylst de beide oare kloften de minsken dy't yn it fjild wiene oanfoelen en fersloegen. ⁴⁵ De hiele dei foel Abimêlek de stêd oan oan't er dy ynnommen hie en de ynwenners deade. Hy makke de stêd mei de grûn lyk en struide der sâlt oer. ⁴⁶ Doe't de boargers fan Sichem-Toer dat hearden, giene se nei it kelderferwulft fan de timpel fan 'e Bûnsgod. ⁴⁷ It waard Abimêlek trochdien dat de boargers fan Sichem-Toer allegearre byinoar kommen wiene. ⁴⁸ Doe gie Abimêlek mei syn manskippen by de berch Salmon op. Hy krige in bile yn 'e hân en kappe tûken fan 'e beam, dy't er op it skouder lei. Doe sei er sei tsjin syn mannen: 'Gau, doch ek wat jimme my dwaan sjoen hawwe!' ⁴⁹ De mannen kappen doe allegearre ek in tûke ôf. Se giene efter Abimêlek oan en leine de tûken boppe op it ferwulft en stutsen dy yn 'e brân, dat alle lju fan Sichem-Toer deryn omkamen, sa'n tûzen manlju en froulju.

⁵⁰ Dêrnei gie Abimêlek nei Tebes. Hy belegere de stêd en naam dy yn. ⁵¹ Midden yn 'e stêd stie in sterke toer. Alle boargers fan de stêd, sawol manlju eas froulju, flechten dêrhinne, beskoattele de doar efter harren en klommen boppe op it toersdak. ⁵² Doe't Abimêlek by de toer kommen wie, foel er dy oan. Mar doe't er ticht by de toersdoar kaam om dy yn 'e brân te stekken, ⁵³ smiet in frou Abimêlek in mielstien op 'e holle, dat syn plasse waard him ferbrizele. ⁵⁴ Doe rôp er gau syn wapendrager en sei tsjin him: 'Lûk dyn swurd en deadzje my! Dan kinne se net fan my sizze: "In frou hat him deade."' En syn tsjinner stuts him del en hy stoar.

⁵⁵ Doe't de Israeliten seagen dat Abimêlek dea wie, giene se allegearre werom nei hûs. ⁵⁶ Sa rekkene God ôf mei it kwea dat Abimelech syn heit oandien hie, doe't er syn santich bruorren deade. ⁵⁷ God weve ek ôf mei it kwea fan de boargers fan Sichem. Sa krige de flok fan Jotam, de soan fan Jerûbbaäl, oer harren syn beslach.

10

Tola en Jair

¹ Nei Abimêlek kaam in man út Issaskar, Tola, de soan fan Pûa, de soan fan Dodo, om Israel te rêden. Hy wenne yn Sjamir yn it berchlân fan Efraïm. ² Hy bestjoerde Israel trijentweintich jier as rjochter. Doe stoar er en waard begroeven yn Sjamir.

³ Jair út Gileäd folge him op. Hy bestjoerde Israel twaentweintich jier as rjochter. ⁴ Hy hie tritich soannen, dy't allegearre op tritich ezels rieden en de baas wiene oer tritich plakken. Oant hjoed de dei hjitte dy noch altiten "de Jairsdoarpen". Sy lizze yn Gileäd.

⁵ Doe stoar Jaïr en waard begroeven yn Kamon.

Israel falt wer ôf; ferdrukking – berou

⁶ Op 'e nij diene de Israeliten diene kwea yn de eagen fan de HEAR. Sy tsjinnen de Baäls en Astartes, en de goaden fan Aram, fan Sidon, fan Moäb, en de goaden fan 'e Ammoniten en fan 'e Filistinen. En sy kearden de HEAR de rêch ta en tsjinnen him net mear. ⁷ Doe waard de HEAR poerlik op Israel en hy levere harren út oan 'e Filistinen en oan 'e Ammoniten. ⁸ Dy ferdrukten en fertrapen de Israeliten noch datselde jier. Achttjin jier lang ferdrukten se alle Israeliten yn Gilead oan oare kant de Jordaan, foarhinne it lân fan de Amoriten. ⁹ Doe stutsen de Ammoniten de Jordaan oer om tsjin Juda, Benjamin en Efraïm te fjochtsjen. De Israeliten krigen it slim benaud, ¹⁰ dat se rôpen nei de HEAR: 'Wy hawwe jo, ús God, ûnrjocht dien, want wy hawwe jo ferlitten en de Baäls tsjinne.' ¹¹ De HEAR antwurde: "Doe't de Egyptners, de Amoriten, de Ammoniten, de Filistinen, ¹² de Sidoaniërs, de Amalekiten en de Maöniten jimme ferdrukten en jimme my om bystân fregen, haw ik jimme doe net rêden út harren macht? ¹³ Mar jimme hawwe my de rêch takeard en oare goaden tsjinne. Dêrom sil ik jimme tenei net wer rêde. ¹⁴ Gean fuort en rop de goaden mar te help dy't jimme foar kar nommen hawwe. Lit dy jimme mar rêde, no't jimme yn noed sitte.' ¹⁵ Mar de Israeliten seine tsjin de HEAR: 'Wy hawwe jo ûnrjocht dien. Doch mei ús sa't jo wolle, mar rêd ús no asjebleaft.' ¹⁶ Sy diene de frjemde goaden út har fermidden wei en tsjinnen de HEAR. Doe koe hy de ellinde fan Israel net langer ferneare.

¹⁷ Doe't de Ammoniten oproppen waarden en it kamp opsloegen yn Gileäd, sammelen de Israeliten har ek en sloegen it kamp op yn Mispa. ¹⁸ De liederen fan it folk fan Gileäd seine doe tsjininoar: 'De man, dy't as earste de Ammoniten oanfalle sil, dy sil oan it haad stean fan alle bewenners fan Gileäd.'

11

Jefta

¹ Jefta de Gileädyt wie in machtich strider. Gileäd wie syn heit, mar syn mem wie in hoer. ² Gileäd hie ek soannen by syn eigen frou en doe't dy grut wurden wiene, jagen se Jefta fuort. 'Do silst net fan ús heite famylje ervje', seine se tsjin him, 'want do bist de soan fan in oare frou.' ³ Jefta flechte foar syn bruorren en sette him nei wenjen yn it lân Tob. Los folk joech him by Jefta en triek mei him op-en-út.

Jefta wurdt roppen

⁴ In skoft letter fierden de Ammoniten oarloch mei Israel. ⁵ Doe giene de âldsten fan Gileäd nei it lân Tob om Jefta op te heljen. ⁶ 'Kom', seine se tsjin Jefta, 'wês ús oanfierder, dat wy stride kinne tsjin de Ammoniten.' ⁷ Mar Jefta sei: 'Hiene jimme net in hekel oan my en my út ús heite hûs jage? Wêrom komme jimme no dan by my, no't jimme yn 'e lytse loege sitte?' ⁸ De âldsten fan Gileäd seine tsjin Jefta: 'Dat is sa, mar wy binne dochs

by dy weromkommen. Kom mei ús mei om tsjin de Ammoniten te fjochtsjen, en do silst oan it haad stean fan ús en alle ynwenners fan Gileäd.' ⁹ Jefta sei tsjin de âldsten fan Gileäd: 'As jimme my weromhelje om tsjin de Ammoniten te striden en as de HEAR se oan my oerleveret, sil ik dan wier jimme haad wêze?' ¹⁰ De âldsten fan Gileäd seine tsjin Jefta: 'De HEAR is tsjûge, dat wy wier dwaan sille sa'tst seist.' ¹¹ Doe gie Jefta mei de âldsten fan Gileäd mei en it folk stelde him oan as harren haad en oanfierder. En hy werhelle al syn wurden foar de HEAR yn Mispa.

Underhannelingen mei Ammon

¹² Doe stjoerde Jefta boaden nei de kening fan 'e Ammoniten mei de fraach: 'Wat hawwe jo tsjin my, dat jo myn lân oanfallen hawwe?' ¹³ De kening fan 'e Ammoniten antwurde Jefta syn boaden: 'Doe't Israel út Egypte kaam, hawwe se myn lân ôfpakt, fan de Arnon ôf oan de Jabbok en de Jordaan ta. Jou my dat no yn frede werom.' ¹⁴ Jefta stjoerde nochris boaden nei de kening fan 'e Ammoniten, ¹⁵ mei it boadskip: 'Dit seit Jefta: "Israel hat it lân fan Moäb en fan de Ammoniten net nommen. ¹⁶ Want doe't Israel út Egypte triek, giene se troch de woestyn nei de Reidsee en kamen yn Kadesj. ¹⁷ Doe stjoerde Israel boaden nei de kening fan Edom, en sei: 'Lit my dochs troch jo lân gean.' Mar de kening fan Edom woe der neat fan witte. Hja stjoerden ek in boadskip nei de kening fan Moäb, mar dy woe it net lije. Sa bleau Israel yn Kadesj. ¹⁸ Dêrnei giene se wer troch de woestyn, om it lân fan Edom en fan Moäb hinne, en kamen eastlik fan Moäb út, en setten har kamp op oan oare kant de Arnon. Hja binne net yn it gebiet fan Moäb kommen, want de Arnon wie de grins fan Moab. ¹⁹ Doe stjoerde Israel boaden nei Chesbon, dêr't Sichon, de kening fan 'e Amoriten, sit hie, en seine tsjin him: 'Lit ús dochs troch jo lân gean, oant wy te plak binne.'" ²⁰ Mar Sichon fertroude it net dat Israel troch syn gebiet gean soe. Hy brocht al syn manskippers byinoar en sy sloegen har kamp op yn Jasa en fochten tsjin Israel ²¹ Mar de HEAR, de God fan Israel, levere Sichon mei al syn troepen oer oan Israel en sy fersloegen harren. Israel naam it hiele lân fan de Amoriten, de bewenners fan dat lân, yn besit. ²² Sa krige Israel it hiele gebiet fan de Amoriten, fan de Arnon oan de Jabbok ta en fan de woestyn ôf oan de Jordaan ta. ²³ No't de HEAR, de God fan Israel, de Amoriten foar syn folk Israel út ferdreaun hat, hokker rjocht hawwe jo om it wer yn besit nimme te wollen? ²⁴ Jo nimme dochs ek wat jimme god Kemosj jimme yn besit jout? Sa nimme wy likegoed yn besit alles wat de HEAR ús God ús jûn hat. ²⁵ Of binne jo safolle better as Balak, de soan fan Sippor, de kening fan de Moäbieten? Hat dy ea argewaasje mei Israel hân of mei har fochten? ²⁶ Israel hat dochs al trijehûndert jier wenne yn Chesbon en Aroër, mei de plakken dy't dêrby hearre, en yn alle stêden oan 'e Arnon. Wêrom hawwe jimme dy al dy tyd dan net weromnommen? ²⁷ Ik haw jo neat misdien, mar jo dogge my kwea troch oarloch tsjin my te fieren. De HEAR, dy't rjochter is, mei hjoed rjochtsprekke tusken de Israeliten en de Ammoniten.'" ²⁸ Mar de kening fan de Ammoniten harke net nei it boadskip dat Jefta him stjoerd hie. ²⁹ De geast fan de HEAR kaam oer Jefta. Hy triek troch Gileäd en Manasse en werom nei Mispa yn Gileäd.

Fan dêr triek er op nei de Ammoniten.

Jefta syn gelofte

³⁰ Jefta die in ûnthjit oan de HEAR: 'As jo wier de Ammoniten oan my oerleverje, ³¹ wa't my as earste út 'e doar fan myn hûs yn 'e mjitte komt, as ik behâlden weromkom by de Ammoniten wei, dat sil de HEAR sines wêze, en ik sil it offerje as in brânoffer.' ³² Doe gie Jefta op 'e Ammoniten los en de HEAR joech se oan him oer. ³³ Hy fersloech har ferpletterjend, fan Aroër ôf oan Minnit ta – tweintich stêden – en oan Abel Keramin ta. En de Ammoniten waarden fernedere foar de Israeliten.

Jefta syn dochter

³⁴ Doe't Jefta werom by syn hûs yn Mispa kaam, wa kaam him yn 'e mjitte? Syn dochter, wylst se dûnse en op 'e tamboeryn sloech. Hja wie syn iennichst bern: bûten har hie er soan noch dochter. ³⁵ Mei't er har seach, skuorde er him de klean stikken en rôp út: 'O nee, myn dochter! Wat trefst my swier, do bringst djippe ellinde oer my. Want ik haw de HEAR in ûnthjit dien en dêr kin ik net foarwei.' ³⁶ 'Heit hat syn wurd oan de HEAR jûn', sei se tsjin him. 'Heit moat mei my dwaan sa't heit ûnthjitten hat. Want de HEAR hat foar heit wraak nommen op heit syn fijannen, de Ammoniten. ³⁷ Mar ik haw wol ien fersyk: Lit my noch twa moanne frij, dat ik mei myn freondinnen de bergen yngean kin om te treurjen dat ik nea trouwe sil' ³⁸ 'Bêst genôch', sei er, en hy joech har dy twa moanne. Doe gie se mei har freondinnen de bergen yn en skriemde deroer, dat se faam bliuwe soe ³⁹ Nei twa moanne kaam se wer werom by har heit en dy die mei har sa't er ûnthjitten hie. Nea hat se mei in man mienskip hân. Sûnttiid waard it wizânzje yn Israel ⁴⁰ dat jonge famen elk jier fjouwer dagen lang de dochter fan Jefta út Gileädyt betreurje12 .

12

Jefta en de Efraïmiten

¹ De manskippers fan Efraïm waarden mobilisearre en stutsen oer nei Safon. Se seine tsjin Jefta: 'Wêrom hat Jefta de Ammoniten oanfallen sûnder ús te roppen om mei te gean mei dy? Wy sille dy mei hûs en al ferbaarne' ² Mar Jefta antwurde: 'Ik en myn folk hiene in grut skeel mei de Ammoniten. En hoewol ik jimme roppen haw, hawwe jimme my net út harren hannen rêden. ³ Doe't ik seach dat jimme my net te help kamen, haw ik myn eigen libben weage en de oanfal op de Ammoniten ynset. De HEAR joech se my doe yn 'e macht. Wêrom binne jimme hjoed dan hjir kommen om mei my te fjochtsjen?' ⁴ Doe mobilisearre Jefta alle manskippers fan Gileäd en begûn de striid mei Efraïm. De manskippers fan Gileäd fersloegen Efraïm, om't dy sein hiene: 'Jim Gileäditen binne oars net as in stel útnaaiers út Efraïm, yn it fermidden fan Efraïm en fan Manasse.' ⁵ Dêrnei besetten de Gileäditen de oerstekplakken oer de Jordaan nei Efraïm. As in útnaaide Efraïmyt frege of't er oerstekke mocht, dan seine dy fan Gileäd tsjin him: 'Bisto in

Efraïmyt?' As er 'nee' sei, ⁶ dan antwurden se: 'Sis ris: "Sjibbolet".' En as er dan 'Sibbolet' sei, om't er it wurd net goed útsprekke koe, dan pakten se him en sloegen him dea dêr by de oerstekplakken fan de Jordaan. Sa foelen dêr doe twaenfjirtichtûzen Efraïmiten.

⁷ Jefta wie seis jier rjochter oer Israel. Doe stoar Jefta, de Gileädyt, en waard begroeven yn ien fan 'e stêden fan Gileäd.

Ibsan

⁸ Nei him wie Ibsan út Betlêchem rjochter oer Israel. ⁹ Hy hie tritich soannen en tritich dochters. Syn dochters troude er út bûten syn eigen famylje en tritich famen fan bûten de famylje joech er as frou oan syn soannen. Hy wie sân jier rjochter oer Israel. ¹⁰ Doe stoar Ibsan en waard begroeven yn Betlehem.

Elon

¹¹ Nei him wie Elon, de Sebûlonyt, tsien jier rjochter oer Israel. ¹² Doe stoar Elon, de Sebûlonyt, en waard begroeven te Ajjalon yn it lân Sebûlon.

Abdon

¹³ Nei him wie Abdon, de soan fan Hillel, de Piratonyt, rjochter oer Israel. ¹⁴ Hy hie fjirtich soannen en tritich pakesizzers dy't allegear op santich jonge ezels rieden. Hy wie acht jier rjochter oer Israel. ¹⁵ Doe stoar Abdon, de soan fan Hillel, de Piratonyt, en waard begroeven yn Piraton, yn Efraïm dat yn it berchlân fan de Amalekiten leit.

13

De berte fan Simson

¹ De Israeliten diene op 'e nij kwea yn de eagen fan de HEAR, dat de HEAR oerlevere harren fjirtich jier lang oan de Filistinen. ² Der wie in man út Sora, dy't Manoäch hiet, út de famylje fan de Daniten, dy't Manoäch hiet. Syn frou wie ûnfruchtber en hie gjin bern krigen. ³ Doe ferskynde de ingel fan de HEAR oan de frou en sei: 'Do bist ûnfruchtber en hast gjin bern krigen, mar do silst yn ferwachting reitsje en in soan krije. ⁴ Tink derom datst gjin wyn of sterke drank drinkst en yt neat dat ûnrein is. ⁵ Want sjoch, do silst yn ferwachting reitsje en in soan krije, der sil him gjin skearmes op 'e holle komme. Want fan de memmeskurte ôf sil de jonge in nazireeër wêze, tawijd oan God. Hy sil in begjin meitsje mei de befrijing fan Israel út de macht fan de Filistinen.'

⁶ Doe gie de frou nei har man en sei: 'Der kaam in man fan God. Hy seach derút as in ingel fan God, sa ûntsachlik. Ik haw him net frege wêr't er weikaam, en hy hat my syn namme net sein. ⁷ Hy sei: "Do silst yn ferwachting reitsje en in soan krije. Meist fan no oan gjin wyn of oare sterke drank mear drinke en neat ite dat ûnrein is, want fan de memmeskurte ôf sil de jonge in nazireeër wêze, tawijd oan God oant syn dea.'"

⁸ Doe smeke Manoäch de HEAR: 'Asjebleaf, Hear, lit de Godsman dy't jo stjoerd hawwe, nochris by ús komme om ús te learen hoe't wy mei de jonge dy't te wrâld

komme sil oan moatte.' ⁹ God hearde Manoäch en de ingel fan God kaam nochris by de frou, wylst se yn it fjild siet en har man Manoäch net by har wie. ¹⁰ De frou rûn hastich werom en fertelde it har man. 'Moatst ris hearre,' sei se. 'Dyselde man dy't dy deis by my west hat, is by my weromkommen.' ¹¹ Manoäch kaam oerein en rûn efter syn frou oan. Hy kaam by dy man en sei tsjin him: 'Binne jo de man dy't mei myn frou sprutsen hawwe?' 'Ja,' sei er, 'dat bin ik.' ¹² Doe frege Manoäch: 'As jo wurden útkommen binne, hoe moat de jonge him dan hâlde en drage en wat moat er dwaan?' ¹³ De ingel fan de HEAR antwurde Manoäch: 'Jo frou moat har te wacht nimme foar alles wat ik har sein haw. ¹⁴ Sy mei gjin fruchten fan 'e wynstôk ite, sy mei gjin wyn en oare sterke drank drinke, en neat ite wat ûnrein is. Alles wat ik har opdroegen haw, moat se har oan hâlde.' ¹⁵ Manoäch antwurde de ingel fan de HEAR: 'Wolle jo hjir net bliuwe? Dan meitsje wy in geitebokje foar jo klear.' ¹⁶ De ingel fan de HEAR antwurde: 'Al soe ik hjir bliuwe, dan soe ik dochs der dochs gjin hap fan ite. Mar asto in brânoffer bringe wolst, offerje it dan oan de HEAR.' Want Manoäch wist noch hieltiten net, dat it in ingel fan de HEAR wie. ¹⁷ Manoäch sei dan ek tsjin de ingel fan de HEAR: 'Wat is jo namme? Dat as jo wurden útkomme wy jo earje kinne.' ¹⁸ De ingel fan de HEAR antwurde: 'Wêrom fregesto nei myn namme? Dat giet boppe dyn begryp.' ¹⁹ Doe naam Manoäch in geitebokje tegearre mei wat moal en offere dat de HEAR op de rots. Doe barde der wat bjusterbaarliks, wylst Manoäch en syn frou taseagen. ²⁰ De flam lôge fan it alter omheech nei de himel, en de ingel fan de HEAR stiigde yn dy flam fan it alter omheech. Doe't Manoäch en syn frou dat seagen, foelen se foaroer op 'e grûn.

²¹ Doe't de ingel fan de HEAR net mear oan Manoäch en syn frou ferskynde, begriep Manoäch dat it in ingel fan de HEAR west hie. ²² Hy sei tsjin syn frou: 'No sille wy grif stjerre, want wy hawwe God sjoen.' ²³ Mar syn frou sei tsjin him: 'As de HEAR fan doel west hie om ús stjerre te litten, dan hie er gjin brân- en moaloffer út ús hânnen oannommen of ús dit allegearre sjen litten en ús soks as sakrekt ferteld.' ²⁴ De frou krige in soan en se joech him de namme Simson. De jonge waard grut en de HEAR seinige him. ²⁵ En de geast fan de HEAR begûn him oan te trunen doe't er yn Machane-Dan wie, dat tusken Soara en Esjtaol leit.

14

Simson fynt in frou

¹ Simson gie nei Timna en dêr foel syn each op in Filistynsk famke. ² Doe gie er nei hûs en fertelde syn heit en mem: 'Ik haw yn Timna in Filistynsk famke sjoen. Soargje derfoar dat ik har as frou krij.' ³ Mar syn heit en mem seine: 'Is der gjin goede frou foar dy by de famkes fan dyn famylje of by ús hiele folk? Moatst perfoarst nei de ûnbesniene Filistinen om in frou te heljen?' Mar Simson antwurde syn heit: 'Heite moat har foar my nimme, want ik mei har graach lije.' ⁴ Syn heit en mem wisten net, dat it fan de HEAR wie, dy't in konfrontaasje mei de Filistinen socht. De Filistinen wiene yn dy tiid de baas oer Israel.

⁵ Sa gie Simson mei syn heit en mem nei Timna. Doe't sy by de druehôven fan Timna wiene, kaam ynienen in jonge liuw him âljend yn 'e mjitte. ⁶ De geast fan de HEAR griep him oan, dat hy skuorde de liuw útinoar mei de bleate hannen sa as je in bokje útinoar skuort. Mar hy fertelde syn heit en mem net wat er dien hie. ⁷ Doe gie Simson fierder en prate mei de frou, en hy mocht har graach lije.

De brulloft en it riedsel

⁸ Nei in skoftke gie er dêr wer hinne om har te trouwen. Underweis sloech er ôf om nei de deade liuw te sjen. Der siet wrachtich in swerm bijen en huning yn it karkas! ⁹ Hy skrabe de huning der mei de bleate hannen út en rinnendewei iet er dêrfan. Doe't er wer by syn heit en mem kaam, joech er harren der ek fan, dat sy ieten ek. Mar hy fertelde harren net, dat er de huning út it karkas fan de liuw helle hie. ¹⁰ Syn heit gie doe nei it âldershûs fan it famke. Simson joech dêr in brulloftsfeest, want sa diene jongfeinten dat as se trouwen. ¹¹ Sa gau't se him sjoen hiene, joegen se him tritich maten op side, dy't him selskip holden. ¹² 'Ik sil jimme ris in riedsel opjaan,' sei Simson tsjin harren. 'As jimme binnen de sân dagen fan 'e brulloft it goede antwurd jaan kinne, dan jou ik jimme tritich linnen himden en tritich boppeklean. ¹³ Mar as jimme my it antwurd net jaan kinne, dan moatte jimme my tritich linnen himden en tritich boppeklean jaan.' 'Kom op mei dyn riedsel,' seine se. 'Fertel it ús.' ¹⁴ Hy sei tsjin harren:

'Iten gie út fan de iter,
en swietichheid gie út fan de sterke.'

Yn gjin trije dagen koene se it riedsel oplosse. ¹⁵ Op de fjirde* dei seine se tsjin Simson syn frou: 'Moast dyn man oerhelje om ús it riedsel út te lizzen, oars sille wy dy en dyn heite hûs delbaarne. Of hawwe jimme ús hjir útnûge om ús besit te stellen?' ¹⁶ Doe begûn Simson syn frou te gûlen en snokke: 'Do hatest my! Hâldst net wier fan my. Do hast de jonges fan myn folk in riedsel opjûn, mar my hasto it net ferteld.' Hy antwurde: 'Ik haw it sels myn heit en mem net ferteld. Wêrom soe ik it dy dan sizze?' ¹⁷ Mar sy snokke by him alle sân dagen dat de brulloft duorre. Op 'e sânde dei joech er har mar de oplossing, want se stie der alle dagen by him op oan. Op har bar fertelde sy dy oan de jonges fan har folk. ¹⁸ Doe seine de manlju fan de stêd op de sânde dei, ear't de sinne ûnder wie, tsjin him:

'Wat is swieter as huning
en wat sterker as in liuw?'

Simson sei tsjin harren: 'Hiene jimme net ploege mei myn keal, dan hiene jimme myn riedsel net ret.' ¹⁹ Doe griep de geast fan de HEAR him oan. Hy gie nei Asjkelon, sloech dêr tritich man dea, skuorde harren de klean út en joech de boppeklean oan har dy't it riedsel oplost hiene. Poerlik gie er wer nei syn âldershûs. ²⁰ En Simson syn frou waard oan iean fan de brulloftsmaten jûn, dy't him selskip holden hie.

* (14:15) 'fjirde': Neffens de Septuaginta en de Syryske fertaling. Hebriuwsk: 'sânde'.

Simson syn wraak

¹ In skoftke letter – it wie de tiid fan 'e weetrising – socht Simson syn frou wer op en hie in geitebokje foar har meinommen. Hy sei: 'Ik wol by myn frou yn 'e keamer.' Mar har heit liet him der net yn. ² 'Ik wie sa wis datsto har foargoed haatsje soest,' sei har heit, 'dat ik haw har oan dyn brulloftsmaat jûn. Mar is har jongere suster net folle kreazer? Nim dy yn stee fan har.' ³ Doe sei Simson tsjin harren: 'No hawwe de Filistinen my neat te ferwiten, as ik mei harren ôfrekkenje.' ⁴ Hy gie fuort, fong trijehûndert foksen en bûn sturt oan sturt. Doe naam er fakkels en sette hieltyd ien fakkel tusken twa sturten yn. ⁵ Hy stuts de fakkels yn 'e brân en stjoerde de foksen it steande nôd fan 'e Filistinen yn. Sa stuts er net allinne de nôdstûken as it steande nôd yn 'e brân, mar ek de druehôven en de olivebeammen. ⁶ Doe't de Filistinen fregen: 'Wa hat dit dien?', hearden se: 'Simson, de skoansoan fan 'e Timnyt, omdat dy syn frou nommen hat en oan syn brulloftsmaat jûn hat.' De Filistinen giene der hinne en ferbrânden har en har heit. ⁷ Doe antwurde Simson harren: 'No't jimme sa dien hawwe, hâld ik net op, ear't ik wraak op jimme nommen haw.' ⁸ Hy sloech der ûngenedich op los en makke withoefolle slachtoffers. Doe gie er fuort en hold ta yn de rotshoale fan Etam.

⁹ Doe kamen de Filistinen opsetten, sloegen it kamp op yn Juda, en ferspraten har by Lêchy. ¹⁰ De manlju fan Juda fregen harren: 'Wêrom falle jimme ús oan?' Sy seinen: 'Wy binne kommen om Simson finzen te nimmen. Wt wolle mei him dwaan lykas er mei ús dien hat.' ¹¹ Doe kamen trije tûzen man út Juda del nei de rotshoale fan Etam en seine tsjin Simson: 'Witsto net dat de Filistinen baas oer ús binne? Wêrom hasto ús dit dan oandien?' Hy reagearre: 'Ik haw se feech-op-fyt jûn.' ¹² Hja seinen: 'Wy binne delkommen om dy finzen te nimmen en út te leverjen oan de Filistinen.' Simson sei: 'Swar my, dat jimme sels my net oanfalle sille.' ¹³ 'Bêst genôch,' seine se, 'Wy sille dy wol fêstbine en oan harren útleverje, mar wy sille dy perfoarst net deadzje.' Doe bûnen se him mei twa nije touwen en laten him út syn rotshoal.

¹⁴ Doe't er yn Lêchy oankaam, kamen de Filistinen him joecheiend yn 'e mjitte. De geast fan de HEAR griep him oan. De touwen dy't er om 'e earms hie, liken wol teskroeide flaakstriedden – sy raanden him fan de hannen. ¹⁵ Hy fûn in farsk kakebien fan in ezel, krige it op en fersloech dêr tûzen man mei. ¹⁶ Dêrop sei Simson:

'Mei it kakebien fan in ezel haw ik se op bulten lein.

Mei it kakebien fan in ezel haw ik tûzen man ferslein.'

¹⁷ Doe't er útsprutsen wie, smiet er it kakebien fuort en neamde dat plak Ramat-Lêchy, dat wol sizze: Kakebienshichte. ¹⁸ Hy krige tige toarst en hy rôp oan de HEAR en sei: 'Jo hawwe my, jo tsjinner, dizze grutte oerwinning jûn. Moat ik no stjerre fan toarst en yn 'e hannen fan de ûnbesnienen falle?' ¹⁹ Doe spjalte God de hoale dy't yn Lêchy is en dêr kaam wetter út, en hy dronk. Doe't er dronk, krige er nije enerzjy en libbe op. Dêrom neamde er dat plak En-Hakkore, dat wol sizze: Boarne fan de oanropper. It leit yn Lêchy

oant hjoed-de-dei ta. ²⁰ Simson wie tweintich jier rjochter oer Israel yn 'e dagen fan de Filistinen Hy wie rjochter oer Israel yn 'e dagen fan de Filistinen.

16

Simson te Gaza

¹ Simson gie ris in kear nei Gaza. Hy seach dêr in hoer en gie by har nei binnen. ² Doe't tsjnin de lju fan Gaza sein waard: 'Simson is hjir', besingelen se him en leine de hiele nacht by de stedspoarte klear om him ûnferhoeds te oerfallen. De hiele nacht hâlden se har dimmen en seinen: 'By it lemieren sille wy him deadzje.' ³ Mar Simson bleau oan midnacht ta lizzen. Healwei de nacht gie er derôf, griep de doarren fan de stedspoarte, tegearre mei de beide posten en skuorde dy der mei skoattel en al út. Hy naam se op it skouder en brocht se boppe op 'e berch dy't foar Hebron oer leit.

Simson en Delila

⁴ In skoftke letter waard er fereale op in frou dy't yn 'e delling fan Sorek wenne. Har namme wie Delila. ⁵ Doe kamen de foarsten fan 'e Filistinen by har en seinen: 'Moatst him oerhelje om dy te fertellen wêr't er syn grutte krêft wei hat en hoe't wy him oer kinne om him fêst te binen en derûnder te krijen. Dan sil elk fan ús dy alvehûndert sulverstikken jaan.' ⁶ Doe sei Delila tsjin Simson: 'Fertel my dochs, wêr komt dyn grutte krêft wei en wêr soesto mei bûn wurde kinne, dat se dy derûnder krije?' ⁷ Simson antwurde: 'As se my bine soene mei sân farske bôgekoarden dy't noch net drûch binne, dan soe ik swak wurde as elk oar minske.' ⁸ Doe lieten de Filistynske foarsten har sân farske bôgekoarden bringe, dy't noch net drûch wiene en dêr bûn se him mei. ⁹ Wylst se by har yn de keamer ferskûle leine om him te oermasterjen, rôp se: 'De Filistinen oer dy, Simson!' Doe skuorde er de bôgekoarden stikken like maklik as in teskroeiide flaakstried stikken skuord wurde kin. Sa waard it net bekend wêr't syn krêft weikaam. ¹⁰ Doe sei Delila tsjin Simson: 'Do hast my ferrifele en my wat foarliigd. Fertel my no dochs, wêrsto mei bûn wurde kinst.' ¹¹ Hy sei: 'As se my mar bine soene mei nije touwen dy't noch net brûkt binne, dan soe ik swak wurde as elk oar minske.' ¹² Doe helle Delila nije touwen en bûn him dêrmei, en se rôp: 'De Filistinen oer dy, Simson!' wylst se yn 'e keamer ferskûle leine om him te oermasterjen. Doe bruts er de touwen fan de earms as wiene it triedsjes. ¹³ Delila sei tsjin Simson: 'Oant no ta hast my hieltiid ferrifele en my wat foarliigd. Fertel my no, wêrsto mei bûn wurde kinst.' Hy sei: 'Moatst de sân hierflechten fan myn holle yn it weeftou ynweve en fêst meitsje mei in pinne*.' ¹⁴ Delila makke se fêst mei in pinne en sei tsjin him: 'De Filistinen oer dy, Simson!' Hy waard wakker út syn sliep en skuorde him los fan de pinne en weeftou en al. ¹⁵ Doe sei se: 'Hoe kinsto sizze dat'st fan my hâldst, wylst my net yn betrouwen nimst? Dit is al de tredde kear datsto my ferrifele hast,

***(16:13)** 'en fêst meitsje mei in pinne': Neffens de Septuaginta, dy't hjir in langere tekst hat.

en my net ferteld hast wêr'tsto dyn grutte krêft wei hast!

¹⁶ Sa siet se alle dagen him wer oan mei har praat. Sy ferge him sa, dat er der deawurch fan waard. ¹⁷ Doe lei er syn hiele hert foar har iepen en sei: 'Der hat nea in skearmes op myn holle west, want ik bin fan de memmeskurte ôf in nazireeër fan God. As ik skeard wurde soe, dan soe myn krêft my ferlitte en soe ik swak wurde as elk oar minske.'

¹⁸ Delila seach dat er har dit kear yn betrouwen nommen hie. Hja liet de foarsten fan 'e Filistinen roppe en sei: 'Kom diskear noch ris, want hy hat no syn hiele hert foar my iepenlein.' Doe kamen de foarsten fan de Filistinen by har mei it jild op 'e hân. ¹⁹ Hja liet Simson by har op 'e knibbels sliepe en rôp ien dy't him de sân hierflechten fan 'e holle skearde. Sa begûn se him derûnder te krijen, en syn krêft liet him yn 'e steek. ²⁰ Doe rôp se: 'De Filistinen oer dy, Simson!' En hy waard wakker en sei: 'Ek dizze kear sil ik hjir útkomme, krekt as de oare kear, en mysels losskuorre.' Mar hy wist net dat de HEAR him ferlitte hie. ²¹ Doe griepen de Filistinen him, stutsen him de eagen út en brochten him nei Gaza. Bûn mei twa brúnzen kettingen moast er mealle yn de finzenis. ²² Mar it hier begûn him wer op 'e holle te groeien nei't it ôfskeard wie.

Simson syn dea

²³ De Filistynske foarsten kamen byinoar om harren god Dagon in grut offer te bringen en feest te fieren. Hja seinen : 'Us god hat Simson, ús fijân, ús yn 'e macht jûn.' ²⁴ Doe't it folk him seach, priizgen se harren god en se seinen:

'Us god hat ús yn 'e macht jûn, dy't ús fijân wie,
ús lân ferwoaste en sa'n soad fan ús ferslein hie.'

²⁵ Wylst se de fleur deryn hiene, seinen se: 'Rop Simson om ús te fermeitsjen.' Doe hellen se Simson út de finzenis, en hy fermakke harren wylst er tusken de pylders stie dêr't se him opsteld hiene. ²⁶ Doe sei Simson tsjin de jonge dy't him by de hân hie: 'Lit my dochs de pylders betaaste, dêr't de timpel op rêst en dêrtsjinoan leune.' ²⁷ De timpel wie fol manlju en froulju en ek alle foarsten fan 'e Filistinen wiene dêr. Op it dak wiene der sa'n trijetûzen manlju en froulju dy't seagen hoe Simson harren fermakke. ²⁸ Doe rôp Simson nei de HEAR: 'Hear GOD, tink dochs oan my, Meitsje my asjebleaf noch ien kear sterk, God, sadat ik tenminsten ien fan myn beide eagen op de Filistinen wrekke kin.'

²⁹ Simson griep de twa middelste pylders dêr't de timpel op boud wie en hy leunde dêrtsjinoan, tsjin de iene mei de rjochterhân en tsjin de oare mei de linkerhân. ³⁰ Hy sei: 'Lit my mei de Filistinen stjerre!' Doe bûgde er him út alle macht, en de timpel foel op de foarsten en op al it folk dat dêryn wie. Sa wiene de deaden dy't er yn syn stjerren deade hat, mear as dy't er by syn libben deade hie. ³¹ Doe kamen syn bruorren en syn hiele heite famylje del, tilden him op en hellen him dêrwei. Hja begroeven him tusken Sora en Esjtaol yn it grêf fan syn heit Manoäch. Tweintich jier hat er rjochter oer Israel west.

¹ Der wenne in man yn it berchlân fan Efraïm, dy't Micha hiet. ² Dy sei tsjin syn mem: 'Dy alvehûndert sulverstikken dy't mem ûntnommen binne en dêr't ik mem sels om flokken en ferwinskjen heard haw, dat jild haw ik. Ik hie it nommen.' Doe sei syn mem: 'De HEAR mei myn soan seinigje!' ³ Doe't er dy alvehûndert sulverstikken werom joech, sei syn mem: 'Ik sis dy hiele som plechtich oan de HEAR ta. Ik stean it ôf om myn soan der in snien en in getten byld fan meitsje te litten. No jou ik it oan dy werom.' ⁴ Doe't er it jild weromjûn hie oan syn mem, naam se dêr twahûndert sulverstikken by wei en joech dy oan de sulversmid. Dy makke dêr in byld fan dat yn Micha syn hûs setten waard. ⁵ No hie dy man, Micha, in hillichdom. Hy makke in efod en hûsgoaden, en stelde ien fan syn soannen oan as syn pryster. ⁶ Yn dy tiid wie der gjin kening yn Israel. Elkenien die nei eigen goetinken.

⁷ Der wie in jonge Levyt út Betlehem yn Juda, út de famylje fan Juda, dy't dêr wenne as frjemdling. ⁸ Hy gie út Betlehem wei om te sjen oft er in plak fine koe dêr't er him as nijkommer nei wenjen del sette koe. Underweis kaam er by Micha syn hûs yn it berchlân fan Efraïm. ⁹ Micha frege him: 'Wêr komsto wei?' Hy antwurde him: 'Ik bin in Levyt út Betlehem yn Juda en ik bin ûnderweis op 'e siik nei in plak om my as nijkommer nei wenjen te setten.' ¹⁰ Doe sei Micha tsjin him: 'Bliuw by my en wês in heit en in pryster foar my. Ik jou dy dan jiers tsien sulverstikken, in pak klean en de kost.' Dêr gie de Levyt op yn ¹¹ en besleat by de man te bliuwen en de jongeman waard as ien fan syn soannen. ¹² Doe stelde Micha de Levyt oan, en de jongeman waard syn pryster en wenne by Micha yn. ¹³ Doe sei Micha: 'No wit ik dat de HEAR goed foar my wêze sil, no't ik dizze Levyt as pryster haw.'

18

De spionnen fan Dan

¹ Yn dy dagen wie der gjin kening yn Israel. En yn dyselde tiid socht de stam fan de Daniten in eigen plak om te wenjen, want hja hiene oant doe ta noch gjin erfdiel krige ûnder de stammen fan Israel. ² Dêrom stjoerden de Daniten út al har famyljes fiif moedige manlju út Sora en Esjtaol, om it lân te ferkennen en op te nimmen. Se seine: 'Gean derop út en ferken it lân!' De fiif kamen yn it berchlân fan Efraïm by it hûs fan Micha en oernachten dêr. ³ Wylst se yn Micha syn hûs wiene, hearden se it praat fan de jonge Levyt. Se giene op him ta en seine: 'Wa hat dy hjir brocht en wat dochsto hjir? Wat moatsto hjir?' ⁴ Hy fertelde wat Micha foar him dien hie. 'Hy hat my ynhierd en ik bin syn pryster.' ⁵ Doe seine se: 'Soesto God freegje wolle om te witten te kommen oft ús tocht slagje sil.' ⁶ De pryster antwurde: 'Gean yn frede. De HEAR hat instimd mei jimme tocht.' ⁷ Doe giene de fiif manlju fuort en kamen yn Laïsj. Hja seagen dat it folk dêr feilich wenne, lykas de Sidoaniërs, yn frede en ûnbesoarge. Der wie gjinien dy't in oar lestich foel of it lân as ûnderdrukker besette. Se wennen fier fan de Sidoaniërs ôf en hiene mei gjinien wat út te stean.

De Daniten geane op reis

⁸ Doe't se werom kamen yn Sora en Esjtaöl, seine har stamgenoaten: 'Wat tinke jimme derfan?' ⁹ Sy antwurden: 'Kom, dan sette wy fuortdaliks dêr op ta. Want wy hawwe it lân sjoen en it is tige goed. Wêr wachtsje jimme noch op? Dreutelje net, mar gean deropôf en nim it lân yn besit.' ¹⁰ As jimme dêr komme, treffe jimme in argeleas folk en it lân hat dêr oan alle kanten de romte. God hat it jimme yn 'e macht jûn. It is in oarde dêr't it wier oan neat ûntbrekt.' ¹¹ Doe giene seishûndert Danityske manskippers, útrist foar de striid, op 'en paad út Sora en Esjtaol. ¹² Se setten ôf en sloegen it kamp op by Kirjat Jeärim yn Juda. Dêrom neame se dat plak oant hjoed-de-dei Machane-Dan, dat wol sizze: Kamp fan Dan. It leit deun by Kirjat Jeärim. ¹³ Dêrwei trieken se fierder nei it berchlân fan Efraïm en sa kamen se oan by Micha syn hûs.

It byld fan Micha wurdt stellen

¹⁴ Doe fertelden de fiif manlju dy't it lân fan Laïsj ferkend hiene, har stamgenoaten: 'Witte jimme dat dêr yn ien fan dy huzen in efod is, goadenbyldzjes, in snien en in getten byld? Jimme witte no wat jimme dwaan moatte.' ¹⁵ Dat se sloegen dêrhinne ôf en kamen by it hûs fan Micha, dêr't de jonge Levyt wenne en fregen hoe't it mei him wie. ¹⁶ De seishûndert Daniten stiene yn har wapenrissing foar de poartedoar. ¹⁷ De fiif manlju dy't it lân ferkend hiene, giene deryn en namen it sniene byld, de efod, de goadenbyldzjes en it getten byld mei, wylst de pryster foar de poarte by de seishûndert manskippers bleau. ¹⁸ Doe't de fiif weromkamen út Micha syn hûs mei it sniene byld, de efod, de goadenbyldzjes en it getten byld, sei de pryster tsjin harren: 'Wat dogge jimme no?' ¹⁹ 'Stil!' seine se, 'Sis neat, gean mei ús mei en wês ús heit en pryster. It is folle better, fynst net, datsto pryster bist bist foar in hiele stam en famylje yn Israel dan foar it hûshâlden fan ien man.' ²⁰ Dêr stimde de pryster fan herte yn mei. Hy naam de efod, de goadenbyldzjes en it sniene byld en joech him by it folk. ²¹ Doe giene de Daniten fierder en lieten de bern, it fee en it kostbere guod foarútgean.

²² Doe't se al in hiel ein fan Micha syn hûs ôf wiene, waarden de manlju yn de huzen dy't by Micha's hûs stiene, byinoar roppen en sy efterfolgen de Daniten. ²³ Sy rôpen de Daniten en dy kearden harren om en seine tsjin Micha: 'Wat wolsto, datsto se byinoar roppen hast?' ²⁴ Hy sei: 'Jimme hawwe myn goaden, dy't ik makke hie, en ek de pryster, meinommen en binne dêrmei fuortgien. Wat hâld ik noch oer? Hoe kinne jimme dan tsjin my sizze: "Wat wolsto?"' ²⁵ Mar de Daniten antwurden: 'Lit ús dyn stimme net wer hearre, dat grimmitige manlju jimme miskien oanfalle en datsto dyn libben en dat fan dyn húshâlding ferliest.' ²⁶ Doe giene de Daniten wer fierder. Doe't Micha seach dat se sterker wiene as him, kearde er om en gie wer nei hûs.

Laïsj ynnommen

²⁷ Mar de Daniten namen mei, wat Micha makke hie en ek de pryster dy't hy hân hie. Sy kamen yn Laïsj, fersloegen syn ynwenners, in rêstich en ûnbesoarge folk, mei it swurd en

stutsen de stêd yn 'e brân. ²⁸ Der wie gjinien dy't har te help kaam, want it wie fier fan de Sidoaniërs ôf en sy hiene mei gjin minske wat út te stean. Lâisj lei yn de delling by Bet-Rechob. Dêrnei bouden se de stêd wer op en sette har dêr nei wenjen. ²⁹ Se neamden de stêd Dan, nei de namme fan harren heit Dan, de soan fan Israel. Mar foartiids wie de namme fan de stêd Lâisj. ³⁰ De Daniten setten it sniene byld foar harren sels op. En Jonathan, de soan fan Gersjom, de soan fan Mozes, {hy en syn soannen / en letter syn soannen}, wiene prysters foar de stam fan de Daniten oant de dei dat it lân yn ballingskip rekke is. ³¹ Sy hiene it sniene byld dat Micha makke hie, yn harren fermidden, al de dagen dat it hûs fan God yn Sjilo wie.

19

Skandaal te Gibeä

¹ Yn dy tiid, doe't Israel noch gjin kening hie, wenne der in Levyt as frjemdling djip yn it berchlân fan Efraïm. Hy hie in frou út Betlehem yn Juda as byfrou nommen. ² Mar sy wie him net trou en rûn by him wei nei har heite hûs yn Betlehem, Juda. Nei't se dêr in moanne as fjouwer west hie, ³ gie har man har efternei om har op it moed te wurkjen dat se werom kaam. Hy hie syn feint meinommen en in twa ezels. Sy liet him yn har heite hûs binnen en doe't har heit him seach, kaam er him bliid yn 'e mjitte. ⁴ Syn skoanheit, de heit fan de jonge frou, helle him oer om by him te bliuwen. Trije dagen brochten se troch mei iten, drinken en sliepen. ⁵ De fjirde deis kamen se der betiid ôf en hy makke him klear om fuort. Mar de heit fan de jonge frou sei tsjin syn skoansoan: 'Nim in stikje brea om oan te sterkjen. Dêrnei kinne jimme gean.' ⁶ Se bleaune dêr en doe't se beide ieten en dronken hiene, sei de frou har heit tsjin syn skoansoan: 'Toe, bliuw hjir fannacht en nim it der goed fan.' ⁷ Doe't de man al oerein gie om fuort te gean, stie syn skoanheit der sa by him op oan dat er noch in nacht bleau. ⁸ De fiifde deis kaam hy der moarns wer betiid ôf om fuort. De heit sei: 'Nim noch wat om oan te sterkjen en bliuw oant nei it middeisskoft.' En sy ieten tegearre. ⁹ Mar doe't de man him dan dochs klearmakke om fuort te gean mei syn byfrou en syn feint, sei syn skoanheit, de frou har heit: 'Sjoch, de dei koartet en it begjint al jûnich te wurden. Bliuw dochs noch in nacht oer. De dei is al fier hinne. Oernachtsje hjir noch en nim it der goed fan. Jimme kinne moarn betiid fan't bêd gean foar de reis en dan kinsto op hûs oangean.' ¹⁰ Mar dy kear woe de man net nochris oernachtsje; hy makke him klear en reizge ôf. Sa kaam er flak foar Jebûs (dat is Jeruzalem) mei de twa opseale ezels en syn byfrou.

¹¹ Doe't se by Jebûs kamen en de dei al tige fier hinne wie, sei de feint tsjin syn hear: 'Sille wy ôfslaan nei dizze stêd fan de Jebûsiten en dêr oernachtsje?' ¹² Syn hear antwurde: 'Nee, wy slaan net ôf nei in frjemde stêd, dêr't gjin Israeliten wenje, mar sille op Gibeä oanhâlde. ¹³ Kom, wy geane nei Gibeä of Rama, dan oernachtsje wy yn ien fan dy plakken.' ¹⁴ Sa teagen se fierder, en de sinne gie ûnder, doe't se by Gibeä yn Benjamin kamen. ¹⁵ Sy stopten om dêr te oernachtsjen. Doe't se yn de stêd kamen, setten se har

op it stedsplein del. Der wie lykwols gjinien dy't har nei hûs meinaam foar de nacht.

¹⁶ Dyselde jûn kaam in âldman fan syn wurk op it lân. Hy wie ôfkomstich fan it berchlân fan Efraïm en in frjemdling yn Gibeä, want de minsken fan dat plak wiene Benjaminiten.

¹⁷ Doe't er opseach, bemerkte de âldman de reizger op it stedsplein en sei: 'Wêr moatte jo hinne en wêr komme jo wei?' ¹⁸ Hy antwurde: 'Wy binne ûnderweis fan Betlehem yn Juda nei djip yn it berchlân fan Efraïm. Dêr wenje ik. Ik haw nei Betlehem yn Juda west en no bin ik ûnderweis nei it hûs fan de HEAR. Der is net ien dy't my ûnderdak jout,

¹⁹ hoewol't wy strie en foer foar ús ezels hawwe en brea en wyn foar ússels, jo tsjinner: mysels, de frou en de feint, dy't by ús is. Wy hawwe fan neat ferlet.' ²⁰ Doe sei de âldman: 'Jo binne wolkom! Mar alles dêr't jo ferlet fan hawwe, komt foar myn rekken. Allinne, jo moatte net op it plein oernachtsje.' ²¹ Hy naam him mei yn 'e hûs en fuorre syn ezels. Se wosken harren fuotten en ieten en dronken.

²² Mar wylst se it der goed fan namen, besingele ynienen dogeneaten út de stêd it hûs. Hja bûnze op 'e doar en seine tsjin de âldman fan wa't it hûs wie: 'Bring de man dy't by dy útfanhuzet nei bûten, dan kinne wy seks mei him hawwe.' ²³ De eigener fan it hûs kaam nei bûten en sei: 'Nee, freonen, soks skandliks moatte jimme perfoarst net dwaan! Dy man is myn gast. Doch net sa dwaas! ²⁴ Sjoch, hjir is myn dochter, dy't noch faam is, en syn byfrou. Dy sil ik nei bûten bringe, pak dy mar en doch mei harren wat jimme wolle, mar doch dizze man sa'n skanddied net oan.' ²⁵ Mar de manlju woene net nei him harkje. Doe pakte de man syn byfrou beet en triuwde har nei bûten nei harren ta. Se hiene seks mei har en misbrûkten har de hiele nacht, oant 'e moarntiid ta; by it lemieren lieten se har gean. ²⁶ Sa kaam de frou yn 'e skimermoarn werom. Se foel del foar de yngong fan it hûs dêr't har man útfanhuze en lei dêr oant it dei wie.

²⁷ Doe't har man moarns fan it bêd ôfkaam, die er de hûsdoar iepen. Hy soe nei bûten ta om syn reis fuort te setten en dêr seach er syn byfrou lizze, foar de doar fan it hûs, mei de hannen op 'e drompel. ²⁸ Hy sei tsjin har: 'Kom oerein, wy geane!' Mar der kaam gjin antwurd. Doe tilde er har op de ezel en makke him klear om nei hûs te gean. ²⁹ Nei't er thúskommen wie, krige er in mes en snie er it lyk fan syn byfrou yn tolve stikken. Dy stjoerde er troch it hiele gebiet fan Israel. ³⁰ En elkenien dy't it seach, sei: 'Soks is net earder bard en nimmen hat soks sjoen sûnt de dei dat de Israeliten út Egypte kamen oant hjoed-de-dei ta. Tink ris ta! Wy moatte wat dwaan. Sprek jimme út!'

20

Benjamin straft en omtrint útrûge

¹ Doe kaam de hiele mienskip fan de Israeliten, fan Dan oant Beër-Sjeba ta en sels út it lân Gileäd, as ien man byinoar by de HEAR yn Mispa. ² De liederen fan it hiele folk út alle stammen fan Israel stelden har op yn de gearkomste fan Gods folk, fjouwerhûnderttûzen man fuotfolk, dy 't mei it swurd oerwei koene. ³ De Benjaminiten hearden dat de Israeliten nei Mispa kommen wiene. Doe seine de Israeliten: 'Fertel ús, hoe't dit kwea

barre koe.’⁴ De Levyt, de man fan ‘e fermoarde frou, antwurde: ‘Ik wie mei myn byfrou oankommen by Gibeä, dat by Benjamin heart, om dêr te oernachtsjen.’⁵ Mar de nachts foelen de boargers fan Gibeä my lêstich en besingele it hûs. Se wiene fan doel om my dea te meitsjen; myn byfrou hawwe se sa ferkrêfte dat se stoar.’⁶ Doe naam ik myn byfrou, snie har yn stikken en stjoerde dy nei alle dielen fan Israel syn erfbesit, want se hawwe in skandlike grouweldied úthelle yn Israel.’⁷ Jimme binne allegearre Israeliten. Kom, sprek jimme út en nim in beslút.’⁸ Doe kaam it hiele folk as ien man oerein en sei: ‘Gjinien fan ús giet werom nei syn tinte of nei syn hûs.’⁹ Mar dit is wat wy no dwaan sille mei Gibeä: Wy falle har oan, sa’t it lot útwize sil.’¹⁰ Ut alle stammen fan Israel nimme wy tsien man út elke hûndert, hûndert út tûzen en tûzen út tsientûzen om iten foar it leger te heljen. As it leger oankommen is yn Gibeä, dan kin it de ynwenners de grouweldied dy’t se yn Israel plege hawwe, ferjilde.’¹¹ Sa kamen alle Israeliten byinoar tsjin ‘e stêd, as ien man mei-inoar ferbûn.

¹² De stammen fan Israel stjoerden boadskippers troch de hiele stam fan Benjamin om te sizzen: ‘Wat is dat foar grouweldied, dy’t by jimme plege is?’¹³ Dat leverje dy dogeneaten fan Gibeä út, dan sille wy har deadzje en it kwea yn Israel útrûgje.’ Benjamin woe lykwols net harkje nei syn bruorren, de Israeliten.

¹⁴ Krektoarsom, de Benjaminiten kamen út har stêden wei byinoar by Gibeä om tsjin de Israeliten te fjochtsjen.’¹⁵ Dy deis mobilisearren de Benjaminiten seisentweintichtûzen swurdfochters út ‘e stêden, neist de sânhûndert oefene manskippers út Gibeä sels.

¹⁶ Under al dy manskippers wiene sânhûndert oefene mannen dy ‘t loftshannich wiene. Dy koene allegearre in stien nei in hier taslengerje en nea net misse.

¹⁷ Israel, útsein Benjamin, mobilisearre fjouwerhûnderttûzen swurdfochters, allegearre striidbere manlju.’¹⁸ Doe makken se harren klear en giene nei Bet-El. Dêr fregen se God: ‘Wa fan ús moat foarop yn ‘e striid mei Benjamin?’ De HEAR antwurde: ‘Juda moat foarop!’¹⁹ De oare dei makken se harren klear en sloegen harren kamp op by Gibeä.

²⁰ De Israeliten setten ôf om mei de Benjaminiten te fjochtsjen en stelden har yn slachoarder op foar Gibeä.’²¹ Doe makken de Benjaminiten in útfal út Gibeä en deaden dy deis twaëntweintichtûzen Israeliten op it slachfjild.

²² Mar it leger fan de Israeliten hold him sterk. Se kamen byinoar om op ‘en nij posysjes yn te nimmen op itselde plak dêr’t se har de foarige deis opsteld hiene.’²³ De Israeliten kamen werom nei Bet-El en skriemden foar de HEAR oan ‘e jûn ta. Se fregen oan de HEAR: ‘Moatte wy no wer fjochtsje mei de Benjaminiten, ús bruorren?’ De HEAR antwurde: ‘Fal him oan!’²⁴ Mar doe’t de Israeliten de twadde deis wer op ‘e Benjaminiten tasetten,²⁵ kamen dy harren foar de twadde kear út Gibeä yn ‘e mjitte en sloegen nochris achttjinttûzen Israeliten dea op it slachfjild, allegearre oefene swurdfochters.

²⁶ Doe kamen alle Israeliten, it hiele leger, wer nei Bethel. Hja setten harren dêr skriemend del foar de HEAR. Hja fêsten dy deis oan ‘e jûn ta en offeren brânooffers en fredeoffers foar de HEAR.’²⁷ En de Israeliten rieplachten de HEAR. Want yn dy tiid wie dêr de arke fan Gods ferbûn,²⁸ mei Pinechas, Eliäzar syn soan, de soan fan Aäron, die’t dêr

doe tsjinst die. De Israeliten seine: 'Moatte wy no noch faker tsjin de Benjaminiten ús bruorren, fjochtsje of moatte wy ophâlde?' De HEAR antwurde: 'Fal oan, want moarn sil ik se yn jimme macht jaan.'

²⁹ Doe sette Israel mûklagen om Gibeä hinne. ³⁰ En de Israeliten setten de tredde deis op 'e Benjaminiten ta en stelden harren lykas de oare kearen yn slachoarder op tsjin Gibeä. ³¹ De Benjaminiten makken op 'en nij in útfal, mar waarden by de stêd weilokke. En lykas de oare kearen begûnen se slachtoffers te meitsjen ûnder de Israeliten. Sa'n tritich man foelen op de grutte wegen, dêr't de iene fan nei Bet-El giet en de oare oer it fjild nei Gibeä. ³² Wylst de Benjaminiten seine: 'Se wurde al wer ferslein lykas earder,' seine de Israeliten: 'Lit ús flechtsje en harren by de stêd weilokje nei de grutte wegen.' ³³ Alle manskippers fan Israel lutsen har werom fan har plak en stelden har yn slachoarder op by Baäl-Tamar, wylst de Israeliten dy't har ferskûle hiene oan de ûnbeskerme kant fan Gibeä, út harren mûklaach kamen. ³⁴ Sa kamen tsientûzen oefene manskippers út hiel Israel op Gibeä ta en it waard in swiere striid. Mar de Benjaminiten wisten noch net hokker kwea harren treffe soe. ³⁵ Doe fersloech de HEAR Benjamin foar de eagen fan Israel en de Israeliten sloegen dy deis fan Benjamin fiifentweintichtûzen ienhûndert swurdfjochters. ³⁶ Doe seagen de Benjaminiten dat se ferslein wiene.

De Israeliten hiene de Benjaminiten safolle romte jûn, want se fertrouden op de manskippers dy't harren by Gibeä yn 'e mûklaach leine. ³⁷ Dy makke fluch in sjarzje op Gibeä. Sy oerfoelen de stêd en sloegen de ynwenners mei it swurd. ³⁸ De Israeliten hiene de ôfspraak mei de mannen fan 'e mûklaach dat dy in grutte reekwolk út de stêd omheech gean litte soene ³⁹ en dat de Israeliten dan oanfalle soene. Benjamin wie al begûn om ûnder de Israeliten slachtoffers te meitsjen, sa'n tritich man, en sei: 'No wurde se hielendal troch ús ferslein, krekt as yn 'e earste slach.' ⁴⁰ Mar doe't de reekwolk út 'e stêd wei omheech begûn te kommen, seach Benjamin efterom: de hiele stêd gie yn reek op. ⁴¹ Doe kearden de Israeliten harren om en rekken de Benjaminiten yn panyk, want se seagen dat it kwea oer harren kommen wie. ⁴² Se setten harren op 'e flecht foar de Israeliten, de kant út fan 'e woestyn. Mar de striid wie dêrmei net út foar har, mei't de Israeliten dy't út 'e stêd kamen harren fan alle kanten deasloegen. ⁴³ Hja besingelen Benjamin en setten harren nei. Sûnder harren rêst te gunnen* jagen se harren op oan deunby de eastkant fan Gibeä. ⁴⁴ Der foelen fan Benjamin achttjintûzen man, allegearre dappere striders. ⁴⁵ Doe kearden de Benjaminiten harren om en flechten nei de woestyn, nei de rots fan Rimmon, mar de Israeliten fersloegen neitiid op 'e grutte wegen fiiftûzen man en se sieten harren efternei oan Gibeä ta en deaden doe twatûzen man fan har. ⁴⁶ Sa foelen dy deis fan Benjamin mei-inoar fiifentweintichtûzen man. Allegearre wiene dat dappere striders, dy't harren goed mei it swurd rêde koene. ⁴⁷ Mar seishûndert man kearden harren om en flechten nei de woestyn, nei de rots fan Rimmon dêr't se fjouwer

***(20:43)** 'Sûnder harren rêst te gunnen': Neffens in oare lêzing fan it Hebriuwsk. Hebriuwsk: 'rêst'.

moanne lang bleaune. ⁴⁸ De manskippen fan Israel giene werom nei de Benjaminiten en sloegen harren mei it swurd, sawol de ynwenners fan de stêden as it fee, en fierder alles wat se oantroffen. Alle stêden dêr't se kamen stutsen se yn 'e brân.

21

It fuortbestean fan de stam Benjamin

¹ De manlju fan Israel hiene yn Mispa sward: 'Gjinien fan ús sil syn dochter oan in Benjaminsyt yn houlik jaan.' ² Doe't it folk yn Bet-El kaam, bleaune se dêr oan de jûn ta foar God oer en begûnen lûdop te skriemen en bearden wakker: ³ 'HEAR, God fan Israel, wêrom is dit Israel oerkommen dat der hjoed ien stam fan Israel mist?' ⁴ De oare moarns wie it folk der al betiid by en sy bouden dêr in alter en offeren brânoffers en fredeoffers. ⁵ Doe fregen de Israeliten: 'Wa út alle stammen fan Israel is net gearkommen foar de HEAR?' Want sy hiene plechtich sward dat wa't net gearkommen soe foar de HEAR yn Mispa, dat dy wis stjerre soe. ⁶ En it begrutte de Israeliten om har bruorstam Benjamin: 'Hjoed is der ien stam fan Israel ôfsnien', seine se. ⁷ 'Wat moatte wy dwaan om de manlju dy't oerbleaun binne oan in frou te helpen? Wy hawwe nammers sward by de HEAR dat wy harren gjin frou yn houlik jaan soene.' ⁸ Doe fregen se: 'Is der ek ien dy't net nei de HEAR kommen is yn Mispa?' It die bliken dat fan Jabesj yn Gileäd der gjinien nei it legerkamp gearkommen wie. ⁹ Want doe it folk teld waard, ûntdutsen se dat der fan de bewenners fan Jabesj yn Gileäd gjinien ferskynd wie.

¹⁰ Doe stjoerden de Israeliten dêr tolvetûzen kriichslju hinne mei de opdracht om alle ynwenners fan Jabesj yn Gileäd mei it swurd te deadzjen, ek de froulju en de bern.

¹¹ 'Mar pas goed op: allinne de manlju en de frouen dy't mei in man sliept hawwe, moatte jimme deadzje.' ¹² Hja troffen ûnder de ynwenners fan Jabesj yn Gileäd fjouwerhûndert jonge froulju oan dy't noch net mei in man op bêd west hiene. Dy brochten se nei it kamp te Sjilo yn Kanaän. ¹³ Doe stjoerde de hiele mienskip in delegaasje nei de Benjaminiten dy't harren by de rots Rimmon opholden en sleaten frede mei harren. ¹⁴ Sa kamen de Benjaminiten werom en de Israeliten joegen har de froulju út Jabesj yn Gileäd dy't se yn libben litten hiene, mar der wiene net genôch foar har allegearre.

¹⁵ It begrutte it folk om Benjamin, dat de HEAR in bres slein hie yn 'e stammen fan Israel. ¹⁶ Dat de âldsten fan de gemeente fregen: 'No't de froulju út Benjamin útrûge binne, wat moatte wy dwaan om harren dy't oerbleaun binne oan in frou te helpen?' ¹⁷ It besit fan oerlibjenden sil foar Benjamin wêze', seine se, 'want der moat gjinien stam fan Israel útrûge wurde. ¹⁸ Mar ús eigen famkes kinne wy harren net yn houlik jaan, want de Israeliten hawwe inoar sward: "Elkenien dy't in frou oan Benjamin jout sil ferflokt wêze."

¹⁹ Doe seine se: 'Is der net alle jierren in feest foar de HEAR yn Sjilo?' (Sjilo leit noardlik fan Bet-El, eastlik fan 'e grutte wei dy't fan Bet-El nei Sichem rint en súdlik fan Lebona.)

²⁰ Doe advisearren se de Benjaminiten om harren yn 'e druevehôven te ferbergjen. ²¹ As

jimme dan sjogge dat de fammen fan Sjilo yn raaidûnsen de stêd útkomme, dan moatte jimme út 'e hôven weikomme. Dan kin elk foar himsels in frou út 'e fammen fan Sjilo pakke en dêrmei nei it lân fan Benjamin gear. ²² Mochten har heiten of bruorren by ús komme om har te bekleien, dan sille wy tsjin har sizze: "Gun se ús om harren te helpen, want yn de striid hawwe wy net foar elke man in frou besette kinnen. Boppedat, jimme hawwe harren net út jim sels in famke jûn; yn dat gefal hiene jimme jim eed brutsen."

²³ De Benjaminiten folgen dat advys op. Hja griepen elk ien fan de dûnsjende fammen en namen dy as frou mei. Doe giene se fuort en kearden werom nei har stamerfdiel. Hja bouden de stêden wer op en setten har dêr nei wenjen. ²⁴ Doe giene de Israeliten útinoar en setten ôf nei harren stam en famylje, elk nei syn erfdiel.

²⁵ Yn dy tiid wie der gjin kening yn Israel. Elkenien die wat rjocht wie yn syn eigen eagen.